

99-791

provinsje fryslân
provincie fryslân

provinsje fryslân

9

99-791

NOTA

BYLDZJENDE KEUNST EN FOARMJOUWING

1999-2002

Boekmanstichting - Bibliotheek
Herengracht 415
1017 BP Amsterdam
Tel. 0243739

Fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân

9 desimber 1999

Ramt fan de Nota Byldzjende Keunst en Foarmjouwing 1999-2002

Ynlieding

De foarlizzende nota jout in neiere útwurking fan de beliedsfoarnimmers fan it kolleezje fan Deputearre Steaten op it mêd fan byldzjende keunst en foarmjouwing oer it tiidrek 1999 - 2002. Yn it lêstneamde jier sille wy dat belied evaluatearje.

Yn de achterlizzende jierren bestie dat belied út twa komponinten:

- Ynfrastrukturele foarsjennings dy't foar rekken komme fan eigen middels fan de provinsje (de ôfdieling Byldzjende keunst en foarmjouwing fan de St. Keunstwurk) òf bekostige wurde út it budzjet fan de Rijksbijdrage Beeldende Kunst en Vormgeving (de Stichting Beeldende Kunst Friesland/ Kunstutleen). Of in kombinaasje fan beide: de ôfdieling moderne keunst fan it Fries Museum dy't wat de eksploitaasje oanbelanget foar rekken fan eigen middels fan de provinsje komt en foar it oankeap- en eksposysjebelied meipartet yn it provinsjale budzjet fan de ryksbydrage. Yn de foarlizzende nota giet it allinne om de ôfdieling moderne keunst fan it Fries Museum.

- De twadde komponint bestiet út it subsidiearjen fan ynsidintele aktiviteiten fan treden út it oerbliuwende provinsjale budzjet fan de Rijksbijdrage voor Beeldende Kunst en Vormgeving. Soks op basis fan it dêrfoar jildende subsydzjerezym en oan de besteging stelde betingsten. Lykas it meitsjen fan foarsjennings dy't de produksje, de sprieding en ôfname fan wurken fan keunst en foarmjouwing en de ynkommensfoarming te'n goede komme. It giet om de budzjetten foar oankeapen fan partikulieren (ASK), monumintale opdrachten, eveneminten/projekten en publikaasjes op it mêd fan byldzjende keunst en foarmjouwing.

Troch ûntjouwings dy't anneks wiene mei it letter úteinsetten fan de ôfdieling foar moderne keunst fan it Fries Museum, koene de beliedsfoarnimmers fan de nota Byldzjende keunst 1993-1996 op dat punt in jier letter effektueard wurde as it doel wie.

De foarlizzende nota rint sadwaande net lykop mei de termyn dy't jildt foar de Rijksbijdrage Beeldende Kunst en Vormgeving (1997-2000). Stelt foar de kar oan te sluten by de planperioade fan de ryksbydrage of yn dizze nota in tiidrek fan fjouwer jier oan te hâlden, hawwe wy keazen foar it lêste. Dêrom moat in foarbehâld makke wurde by de foarnimmers oangeande de konvenantmiddels fan it ryk nei it jier 2000. De nota is sadwaande ek ornearre foar it yn de beneaming kommen fan middels yn it ramt fan de Rijksbijdrage Beeldende Kunst en Vormgeving oant en mei it jier 2000. Foar it gefal it ryksbelied nei dat jier feroaret dan sille wy de foarlizzende nota oanpasse.

De foarlizzende foarnimmers foar it belied op it mêd fan de byldzjende keunst en foarmjouwing slute oan by de nota "Feroarje om te behâlden": it befoarderjen fan de kulturele ûntjouwing fan de eigen ynwenners en de útstrieling fan de provinsje nei bûten ta. It lêstneamde kriget benammen aksint yn spesjaal omtinken foar foarmjouwing.

Fierders hawwe wy yn ús ôfwaging foar de takomst it advys fan de Raad voor de Kunst "Kunst op de groei", de Cultuurnota " Pantser of ruggengraat" en het Kunstenplan 1997-

2000 fan it ministearje fan OC&W behelle. Dat jildt ek de nota "In breder verband" fan it Samenwerkingsverband Noord Nederland en it kultuerkonvenant 1997-2000 dat de trije Noardlike provinsjes mei it ryk sluten hawwe.

Ek út it fjild opfongen synjalen oer de fraach hokker kant it mei it belied út moat, hawwe wy yn ús ôfwaging meinommen. Te neamen binne it advys fan de Provinsjale Advyskommisje Byldzjende Keunst op it mêd fan de foarmjouwing en bydragen fan it Platform Vakorganisaasjes Beeldende Kunst in Friesland. Mar ek mei by de provinsje ynkommen plannen en inisjativen, hâlden stúdzjemiddeis en oerlis mei ynstellings en ôffurdigen fan organisaasjes út de wrâld fan de Fryske byldzjende keunst en foarmjouwing hawwe wy ús foardiel mei dien.

Samenvatting beleidsvoornemens:

- De provinciale wil de infrastructuur voor beeldende kunst en vormgeving versterken door:
 - te komen tot een Centrum Beeldende Kunst en Vormgeving, als produkt van de provinciale steunfuncties van de St.Keunstwurk en de St. Beeldende Kunst/Kunstuitleen
 - en in dat centrum een voorziening te treffen t.b.v. een provinciaal podium met wisselende exposities van werk dat valt buiten de reguliere circuits, gekoppeld aan een thema of techniek, samengesteld door een gast-conservator en
 - te investeren in een infrastructuur t.b.v. vormgeving (documentatie, het aantrekken van een consultant-vormgeving, het organiseren praktijkprojecten en het instellen van een provinciale prijs);
 - samenwerking tussen musea met een openbare collectie moderne kunst te stimuleren en de fusie van Fries Museum en het Prinsesshof te ondersteunen.
- Naast spreiding van het aanbod zal in het te voeren beleid het accent worden verlegd naar het toegankelijk maken van dat aanbod door het versterken van de edukatie en de publieksbegeleiding door coördinatie van bestaande provinciale voorzieningen.
- In het kader van de invoering van de WIK en het 'flankerend beleid' rekt de provincie het tot haar taak Friese gemeenten, waar nodig, te ondersteunen in het te voeren beleid.
- De provincie neemt zich voor in het kader van de WIK en het 'flankerend beleid' honoraria van kunstenaars/ontwerpers t.b.v. edukatieve begeleiding van projecten en manifestaties subsidiabel te stellen.
- De provincie zal in het beleid op het terrein van de kleine kernen, het cultuurtoerisme en de economische ontwikkelingszônes bij haar partners in dat beleid aandringen op integratie van beeldende kunst en vormgeving;
- Het beleid van de provincie is er op gericht met beschikbare eigen budgetten voor beeldende kunst en vormgeving aanvullende middelen en opdrachten voor kunstenaars en vormgevers te genereren.
- Kunstenaars die in Friesland wonen en werken zullen worden gestimuleerd te participeren in circuits buiten de provincie. Voor het toegankelijk maken van de "thuismarkt" worden startende kunstenaars gedurende vier jaar positief gediscrimineerd door het verlenen van tegemoetkomingen in de organisatiekosten van presentaties van hun werk in Friesland. In overleg met het Samenwerkingsverband Noord Nederland komt deze voorziening in de plaats van de in Noordelijk verband toegepaste subsidieregeling t.b.v. van aankopen van particulieren.
- Het opdrachtenbeleid m.b.t. beeldende kunst en vormgeving zal worden verruimd door verhoging van het budget en het openstellen van dat budget voor opdrachtgevers in Friesland die buiten de Noordelijke regio gevestigde kunstenaars en

vormgevers inschakelen.

- Op het punt van de informatievoorziening op het gebied van beeldende kunst en vormgeving zal de provincie investeren in het digitaliseren van de eigen documentatie, het op meerdere locaties in de provincie toegankelijk maken en het koppelen daarvan in Noordelijk verband.
- De provincie wil de ideële taakopvatting en de daarmee samenhangende dienstverlening van de SBK/Kunstuitleen op peil houden door het handhaven van een provinciale bijdrage in de verwervingskosten.
- Budgetten voor activiteiten met een incidenteel karakter, als manifestaties en publicaties, op het terrein van beeldende kunst en vormgeving worden gehandhaafd.

Opset fan de nota:

Ynliding

Gearfetting / Samenvatting.

	Side
Haadstik 1: Utgongspunten foar it provinsjale belied.	1
Haadstik 2: Lanlik ûntjouwings en Noardlike gearwurking.	2
Haadstik 3: Skets provinsjale ûntjouwings sûnt 1993	
3.1 De produsinten : de keunstners en harren oanbod.	6
3.2 De merk : de yntermediêrs.	8
3.3 De stipers: de gemeenten en opdrachtjouwers en oaren.	10
3.4 De konsuminten: de 'kijkers' en keapers.	12
Haadstik 4: It provinsjale belied sûnt 1993 oereide.	14
4.1 Strukturele foarsjennings:	14
4.1.1 St.Keunstwurk	14
4.1.2 St.Beeldende Kunst Friesland	16
4.1.3 St.Fries Museum	18
4.1.4 Sintrum byldzjende keunst en foarmjouwing	22
4.2 Budzjetten ynsidintele aktiviteiten:	23
4.2.1 Monumintale opdrachten	23
4.2.2 Manifestaasjes/projekten	25
4.2.3 Publikaasjes	26
4.2.4 Oankeapregeling partikulieren (ASK)	27
4.3 De Provinsjale Advyskommisje	29
Haadstik 5: It provinsjale belied oangeande de foarmjouwing	31
Haadstik 6: It nije belied en de finânsjele konsekwinsjes	34

Haadstik I:

UTGONGSPUNTEN FOAR IT PROVINSJALE BELIED:

- It befoarderjen fan de kulturele ûntjouwings yn Fryslân troch:
- it befoarderjen fan de niget fan syn ynwenners oan úterings fan byldzjende keunst en foarmjouwing;
- it meitsjen, toanen, keapjen en tagonklik meitsjen fan wurken fan byldzjende keunst en foarmjouwing te stimulearjen;
- it beweitsjen fan de kwaliteit, it ferskaat yn en de provinsjale sprieding fan it oanbod;
- dat oanbod yn te setten foar it ferbetterjen fan it klimaat fan wenjen en wurkjen, de profilearring fan ús provinsje en it kultuertoerisme;
- spesjaal omtinken te jaan yn it oanbod fan yn Fryslân wenjende wurkjende keunstners en foarmjouwers;
- de beropspraktyk fan keunstners en foarmjouwers te stypjen troch de (tagong ta de) merk te stimulearjen;
- it fersterkjen fan de ynfrastrukuer troch it jaan fan ympulsen oan gearwurking en koördinaasje fan provinsjale taken/foarsjennings;
- spesjaal omtinken te jaan oan foarmjouwing en oan de posysje fan Ljouwert as kulturele haadstêd en ôfstimming fan it belied yn Noardlik ferbân.

Haadstik 2. Lanlike ûntjouwings

It ryksbelied foar byldzjende keunst en foarmjouwing makket in skieding tusken keunstners - en keunstbelied. It lanlike belied rekket it folme oan keunstners, harren sosjale posysje en lanlike foarsjennings foar yndividuële keunstners en lanlike ynstituten en fûnsen dy't anneks binne mei de produksje fan keunstners en foarmjouwers. De oan de provinsjes desintralisearre ryksmiddels binne ornearre foar foarsjennings dy't de produksje, de sprieding en ôfname te'n goede komme. De foarsjennings moatte, op basis fan kwaliteit fan it wurk, te'n goede komme oan de ynkommensfoarming/ beropspraktyk fan keunstners.

Falt mei dizze taakferdieling te wurkjen, yn de praktyk docht bliken dat it ryksbelied en it autonome provinsjale belied yn elkoar ferfrissele binne. Soks hat te krijen mei de gearhing yn de foarsjennings yn ús provinsje foar sawol keunstners as keunst en it ryksbelied oangeande it bieden fan kompensaasje foar de BKR. Dat belied kriget aanst syn beslach mei it yngean fan de Wet Inkomensvorming Kunstenaars healwei 1998.

It ryksbelied is der op rjochte in ein te meitsjen oan de útsûnderingsposysje fan keunstners troch it befoarderjen fan de útstream fan keunstners yn de Algemene Bijstandswet. Nei it yngean fan de Wet Inkomensvorming Kunstenaars wurde keunstners yn de ABW foar de fraach steld te kiezen foar de mooglikheden fan de WIK of nei oar wurk om te sjen. It hifkjen fan de beropsmjittigens en it artystyk funksjonearjen fan de keunstners sil barre troch it Voorzieningsfonds voor Kunstenaars. De WIK stelt de keunstner by steat yn fjouwer jier in beropspraktyk op te bouwen op basis fan in útkearing fan 70% fan de bystânnoarm en op syn meast 125% byfertsjinsten. De mooglikheden ta byfertsjinjen sille útwreide wurde mei útsparre ABW-middels yn it saneamde 'flankearend belied': it ynsetten fan keunstners yn wurk dat nei oan harren beropspraktyk besibbe is. Partners yn it belied fan it ryk binne de gemeenten.

*** Belied:**

Hoewol't de útfiering fan de WIK op de wei fan it ryk en de gemeenten leit, miene wy dochs dat de WIK en it 'flankearend belied' yn de Fryske ferhâldings it nedige omtinken fan de provinsje hawwe moat. Soks omreden dat de meast lytsere gemeenten yn ús provinsje wol wat stipe oangeande it nije belied foar keunstners en it yn dat ramt opsetten 'flankearend belied' brûke kinne. Reden dat wy Keunstwurk freegje sille mei it Regionaal Bureau Arbeidsvoorziening de mooglikheden te besjen earstneamde ynstelling yn te skeakeljen foar oanfoljende wurkgelegenheid foar keunstners yn it ramt fan it 'flankearend belied'. Wy tinke dêrby net allinne oan it oanmelden fan fraach en aanbod, mar ek oan it stypjen fan de projekten en oanfragen datoangeande fan gemeenten dy't foar middels yn it ramt fan it 'flankearend belied' komme moatte.

Yn it ramt fan de taakferdieling tusken it ryk en de legere oerheden waarden yndividuele subsydzjemooglikheden op lanlik nivo tuskentiids by it Voorzieningsfonds voor Kunstenaars ûnderbrocht.

Yn 1994 waard it systeem fan beropskostenfergoedings omset yn in regeling foar basisstipendia útfierd troch de St. Fonds voor Beeldende Kunsten Vormgeving en

Bouwkunst yn A'dam. It basisstipendium omfiemet sawol in fergoeding foar materiaal- en beropskosten as foar de kosten fan libbensûnderhâld en wurdt op syn minst foar twa jier tawiisd. Oanfragen wurde hifke op it artystyk funksjonearjen fan de keunstner: de beropspatyk, de wurdearring fan it keunstnerskip en de kwaliteit fan it wurk. De keunstners dy't gebrûk meitsje fan de regeling falle salang bûten de ABW.

De legere oerheden subsidiearje allinne de beropskosten fan keunstners en foarmjouwers dy't gearhingje mei it útfieren fan projekten of opdrachten. Neist de "Regeling Basisstipendia voor beeldend kunstenaars" fan it Fonds voor Beeldende kunsten, Vormgeving en Bouwkunst stelt it fûns ek wurk-, reis- en stúdzjebeurzen beskikber as oanfoljende ynstruminten om de kontinuïteit yn de beropspatyk fan keunstners te befoarderjen.

Yn 1995 waarden 21 oanfragen (= 30%) foar in basisstipendium honorearre út 71 oanfragen út ús provinsje. In ferhâlding dy't, mei de justjes ûngeunstiger ferhâldings foar Grinslân en Drinthe, de fraach opropt oft de keunstners yn de regio wol genôch ûnder it lanlik eachweid komme/brocht wurde fan lanlike foarsjennings en harren behearders. Wy binne fan betinken dat de lanlike foarsjennings each hawwe moatte foar de keunstners yn de regio. Tagelyk moatte keunstners en galery's yn ús provinsje oantrune wurde harren yn lanlike sirkwy's te opponearjen en te presintearjen. Yn dat ljocht besjoen is de partisipaasje fan de keunstners dy't yn ús provinsje wenje en wurkje yn lanlike sirkwy's wol sa wichtich as it stribjen yn Noardlik ferbân de provinsjale grinzen te sljochtsjen.

Healwei 1996 waard besluten it ryksbelied oangeande it desintralisearjen fan ryksmiddels foar byldzjende keunst en foarmjouwing oan de provinsjes en fjouwer grutte stêden oer de jierren 1997 - 2000 op de besteandde foet troch te setten. Soks mei de oantekening dat it ryk benammen mear omtinken freget foar it meipartsjen fan foarmjouwing yn de middels en it bydragen yn regionale manifestaasjes dy't bûten de lanlike foarsjennings falle.

De ryksmiddels moatte ynset wurde foar foarsjennings dy't it meitsjen, de sprieding en ôfname fan wurken fan byldzjende keunsten foarmjouwing te'n goede komme. Soks mei de oantekening dat de middels yndirekt bydrage moatte oan de ynkommensfoarming fan keunstners en foarmjouwers.

Foar ús provinsje giet it om in jierlikse útkearing fan f 930.000.- Op basis fan it nije IPO-VNG konvenant waarden mei de beide rjochthawwende gemeenten yn ús provinsje - Ljouwert en Smallingerland - oer itselde tiidrek nije ôfspraken makke.

As útfierende ynstelling foar it ryksbelied waard yn 1994 de Mondriaan Stichting yn it libben roppen. De ynstelling subsidiearret presintaasjes en projekten op it mêd fan byldzjende keunst en foarmjouwing mei lanlike betsjutting en begeliedt dizze (Praktijkburo) en fersoarget de presintaasje/promoasje yn en mei it bûtenlân. De stifting ferlient basisstipendia , wurk- en reisbeurzen en ferpartet it budzjet fan it ryk foar oankeapen moderne keunst en foarmjouwing fan de musea yn ús lân. Op it mêd fan de foarmjouwing kin de stifting mei yngong fan 1997 f 250.000.- ynsette foar projekten dy't fan lannelike betsjutting binne. Oanfragen datoangeande wurde hifke troch it Vormgevingsinstituut.

De stifting hifket de galery's dy't de rintesubsydzjeregelning foar keapers fan keunst tapasse meie. Yn ús provinsje giet it om fjouwer galery's.

*** Belied:**

Us belied is der op rjochte de provinsjale middels sadanich yn te setten dat foar de sektor

oanfoljende middels generearre wurde. Yn dat ramt sille wy inisjativen stypje dy't foar oanfoljende lanlike middels of foarsjennings yn de beneaming komme kinne.

Keunstners yn ús provinsje dy't eksintrysk fan de kulturele sintra yn ús lân wenje en wurkje moatte stimulearre wurde harren mei harren wurk te profilearjen yn sirkwy's bûten de provinsje. Unwisse ynkkomsten út ferkeap foar sawol de keunstner as de galery, oan keunstners yn rekken brocht "hingjild", of frege dielnimmersbydrage yn de organisaasje- of presintaasjekosten drompels dy't it meidraaien yn lanlike sirkwy's yn de wei steane.

*** Belied:**

It budzjet no beskikber foar de oankeapregeling (de ASK) wolle wy dêrom brûke foar oan keunstners yn rekken brochte kosten foar it meidwaan oan (ferkeap) eksposysje, presintaasje of útwikseling bûten de provinsje. Sjoch foar it alternatyf side 30.

De Noardlike gearwurking.

De ynfolling fan de gearwurking op it mêd fan byldzjende keunst giet werom op it yn 1992 fêststelde program fan it **Samenwerkingsverband Noord Nederland (SNN)**.

Yn de ôfrûne beliedsperioade krige gearwurking op it oanbelangjende mêd stal troch harmonisaasje fan de Oankeapsubsydzjeregelingen (ASK) foar partikulieren en it oer en wer iepenstellen fan monumintale opdrachten foar keunstners út de trije provinsjes. Dêrneist waard in begjin makke mei it foarnimmen de dokumintaasjebestannen fan byldzjende keunstners fan de trije provinsjes te keppeljen. Beliedsynstruminten dy't ta doel hawwe de merk foar keunstners yn it Noarden te ferromjen.

As wy dit skriuwe is in ûndersyk geande nei de mooglikheden en de kosten fan it keppeljen fan de digitalisearre dokumintaasjes byldzjende keunst en foarmjouwing yn Noardlik ferbân. Yn in earste raming komme de nedige ynvestearrings de provinsje op f 40.000.-.

De muoisum ta stân kommen Noardlike gearwurking yn de oankeapregeling foar partikulieren krige yn 1997 in tebeksetter. Troch it út de hân rinnen fan it budzjet hat Grinslân yn 1997 de subsydzjetariven fan de ASK-regeling nei ûnderen ta bysteld. Om de gearwurking net yn de kiif te stellen hat ús provinsje de legere tariven fan Grinslân yn 1998 folge. Drinthe hat oer datselde jier de âlde subsydzjetariven hanthavene. Dizze ûntjouwings en ynhâldlike knyppunten fan besteande de regeling binne foar ús oanlieding de ASK op'e nij te besjen.

Om de merk foar monumintaal wurk te ferromjen en it ferskaat te befoarderjen waard besluten ek op dat punt ta neiere gearwurking te kommen. It iepenstellen fan monumintale opdrachten foar alle keunstners yn it Noarden is noch lang gjin libbene praktyk. Soks hinget gear mei it útelkoar rinnen fan it subsydzjerezjym en de prosedueres. Yn Grinslân leit it inisjatyf foar it jaan fan opdrachten by de provinsje, yn ús provinsje by lokale opdrachtjouwers. Wy wolle oan de yn ús provinsje folge praktyk fêsthâlde.

Mar wy heakje dêr fuortdaliks oan ta dat it ferskaat fan monumintaal wurk yn ús provinsje tsjinne is mei it fierder útwreidzjen fan de mooglikheden keunstners fan bûten de provinsje yn te skeakeljen. Om't wy it opdrachtbelied ta foarmjouwing útwreidzje

sille, wolle wy - achtslein op it beheinde ferskaat fan dissiplines yn ús provinsje - opdrachtjouwers fan foarmjouwers/ûntwerpers fan bûten de provinsje op deselde foet behannelje as opdrachtjouwers fan monumintaal wurk.

** Belied:*

Wy sille dêrom it provinsjale budzjet foar opdrachten ferheegje en sawol iepenstelle foar opdrachtjouwers fan keunstners en ûntwerpers/foarmjouwers út as fan bûten de Noardlike regio.

Yn de nota "In breder verband" hat ús provinsje him útsprutsen foar fierdergeande gearwurking op it punt fan de byldzjende keunst en foarmjouwing en it striben te kommen ta in Noardelijk Fonds voor Beeldende Kunst en Vormgeving. It fûns moat bestean út foar it Noarden aparthâlden middels fan de Mondriaanstichting en it Fonds voor Beeldende Kunst, Bouwkunst en Vormgeving. Dit punt waard lykwols net meinommen yn it mei it ryk sluten "Cultuurconvenant OC&W-Noord Nederland 1997 - 2000". It leit yn de reden dat wy de troch ús útstelde feroarings oangeande de ASK en it opdrachtbelied yn Noardlik ferbân op it aljemint bringe sille.

Haadstik 3: Skets provinsjale ûntjouwings sûnt 1993

De provinsjale produksjekolom:

3.1. De produsinten: de keunstners/foarmjouwers en harren oanbod.

Sûnt it begjin fan de ôfrûne beliedsperioade moast ús provinsje it stelle sûnder eigen opliedingsynstitút yn de keunsthakken. Dêrneist waard yn it ramt fan de konsintraasje fan de keunstopliedings de oplieding Kunst en design fan de Noardelijke Hogeschool Leeuwarden yn de besteande foarm opdûkt. De St. Kunstwerkplaats "Vredeman de Vries" yn Ljouwert mei dependance yn Dokkum besiket it iepenfallen gat op te foljen; de Vrije Akademy biedt in opstap foar guon amateurs nei de keunsthakopliedings. Yn it okkerdeis iepene nije ûnderkommen fan it Grafisch Atelier yn Ljouwert waard de apparatuer fan "Vredeman de Vries" op it mêd fan de grafyske techniken foar de keunstners feilichsteld. De gemeente Ljouwert hat foar de eksploitaasje dêr de nedige middels út it gemeentlike budzjet fan de ryksbydrage beskikber steld.

De ferskraling fan it klimaat op it mêd fan de byldzjende keunst yn ús provinsje sit net allinne yn it ferhûzjen fan de fakoplieding nei Grins, it weifallen fan de Akademy Vredeman de Vries begjint syn werslach te krijen yn de oanwaachs fan oankommende keunstners yn ús provinsje. It tal yn ús provinsje wenjende en wurkjende akademyferlitters bliuwt achter by sifers yn de foarôfgeande jierren.

Sjoen it folumebelied fan it ryk op it mêd fan de fakoplieding lizze sawol it fakûnderwiis as de post-akademiale kursussen foar yn ús provinsje wenjende en wurkjende keunstners en foarmjouwers net op de wei fan de provinsje. Wy sjogge foar de provinsje wòl in oanfoljende taak yn it op elkoar oansluten fan oplieding en praktyk.

Yn it ramt fan de taakferdieling tusken ryk en gemeenten en de provinsje falle oan de de provinsje benammen taken yn de yntermediêre sfear ta. Binnen de provinsjale mooglikheden giet it om it ferromjen fan de merk fan keunstners en foarmjouwers, it beweitsjen fan de kwaliteit, it ferskaat yn en de sprieding fan it oanbod, mar benammen ek om it befoarderjen fan de kwaliteit fan de fraach. By it oanbod giet it om it jaan fan ympulsen oan de úterings dy't op de merk oan de krapperein komme, by de fraach giet it om it ferbreedzjen fan it publyksberik troch edukaasje en presintaasje en it ynsetten fan keunstners en foarmjouwers yn situaasjes dy't bûten de eigen selsstannige beropspraktyk lizze. Yn it lêstneamde gefal giet it benammen om it befoarderjen fan it potinsjeel oan gaadlike opdrachtjouwers.

*** Belied:**

Om de mooglikheden te ferromjen sille wy opdrachten foar projekten yn de opdrachtesfear dy't falle ûnder de tapaste keunsten en de foarmjouwing op deselde foet behannelje as de opdrachten foar monumintaal wurk. It budzjet oant no ta beskikber foar monumintaal wurk, sille wy dêrom omheech bringe.

Foar it ynsetten fan keunstners yn projekten dêr't de provinsje sels opdrachtjouwer is, sille wy de mooglikheden yn eigen hûs yn de gaten hâlde: it tapassen fan de 1% regeling foar nijbou fan de provinsje en oare taken fan de provinsje dy't harren liene foar it ynhieren fan profesjonele krêativiteit.

Yn bygelyks it lytse kearnebelied en de doarpsfernijing, kultuertoerisme en de ekonomyske ûntwikkelingszones, sille wy by ús partners - benammen de gemeenten - oanstean op yntegraasje fan byldzjende keunst en foarmjouwing yn it belied. Wy hawwe dêr yn it gefal fan it oerlis mei de gemeenten dy't lizze yn de A7-Zone al in begjin mei makke. Ek yn de ekonomyske ûntwikkelingszones in plak te jaan sille wy oanstean op it tapassen fan de 1%-regeling by it ynrjochtsjen en oanklaaijen fan de bedriuwsterreinen. Yn it ramt fan gemeentlike plannen ta doarpsfernijing en oare plannen ta werynrjochting fan iepenbiere romten sille wy opdrachtjouwers waarm meitsje gebrûk te meitsjen fan it provinsjale budzjet.

Yn ús provinsje drage likernôch 375 profesjonele keunstners yn ús provinsje by oan it oanbod. Guon binne folslein oanwiisd op harren beropspraktyk as keunstner; al of net yn kombinaasje mei in oare baan of in útkearing yn it ramt fan de ABW. De lêsten wurde aanst foar de kar set te kiezen foar in beropspraktyk yn it ramt fan de Wet Inkomensvorming Kunstenaars en yn dat ramt skepen oanfoljende wurkgelegenheid yn it saneamde 'flankearend belied'.

Fierwei it grutste part fan de ± 375 registrearre profesjonele keunstners yn ús provinsje is yn syn beropspraktyk oanwiisd op in beheinde (thús) merk, eksintrysk fan de lanlike poadia en sirkwy's wenjend en wurkjend. Fan harren leit fierwei it grutste part him út op autonoom wurk. In beheind part dêrfan hâldt him ek dwaande mei (meast autonome) úterings fan tapaste keunst. Keunstners dy't harren útlizze op monumintaal romtlik wurk binne neist makke autonoom wurk benammen ek oanwiisd op opdrachten. Fierders binne der úterings en projekten dy't om it karakter fan it wurk bûten de reguliere sirkwy's falle. Wy doele dêrby op ynstallaasjes en tydlike (lokaasje) projekten. Wat it monumintale wurk oangiet draacht de provinsje by út it budzjet foar monumintaal wurk; inisjativen op it mêd fan projekten op it mêd fan byldzjende keunst (en foarmjouwing) wurde subsidiearre út it budzjet foar manifestaasjes en projekten. Itselde jildt foar disciplines dy't yn ús provinsje suver net oan bod komme: nije disciplines as video- en kompjouterkeunst.

It organisearre part fan de keunstners yn ús provinsje is troch it lidmaatskip fan in lanlike fakorganisaasje fertsjintwurdige yn it Platform Vakorganisaasjes Beeldende Kunst Friesland. It Platform hat oerlis mei de provinsje en is partner fan de St. Keunstwurk en de St. Beeldende Kunst Friesland yn it oerlis dat liede moat ta it bondeljen fan de krêften yn in provinsjaal Sintrum Byldzjende keunst en Foarmjouwing.

It bondeljen fan de krêften fan keunstners op lokaal nivo yn saneamde keunstnersinisjativen is yn ús provinsje gjin hûsriem. Beeldend Aktief Sneek is in slagge foarbyld as it giet om de presintaasje en ferkeap fan wurk yn eigen behear. Op dit stuit wurdt troch in keunstnersinisjatyf yn Ljouwert in plan makke te kommen ta in poadium foar eksperimentele keunst ek fan bûten de provinsje.

De provinsje hat yn sokke lokale inisjativen gjin taak as it giet om de eksploitaasje. Fanút it eachpunt fan de provinsjale sprieding kin de provinsje allinne byspringe as it giet om

ynsidintele bydragen foar it eksposysjeprogram.

Foar it oare binne de Fryske keunstners foar de ferkeap fan harren wurk benammen oanwiisd op de galery's yn ús provinsje. Hoewol't de galery's op dat punt net oer ien kaam skeard wurde meie, is it foar begjinnende keunstners yn de measte dissiplines net maklik der tusken te kommen. Benammen as it giet om minder tagonklik wurk. Foar it bieden fan in poadium oan dat wurk leit hjir net allinne in taak foar de net-kommersjele eksposysjeromten yn ús provinsje mar ek foar de provinsje sels.

(Foar it plak fan de foarmjouwing en foarmjouwers yn ús provinsje meie wy hjir ferwize nei haadstik V).

*** Belied:**

Wy wolle de begjinnende keunstners yn ús provinsje dêrom posityf diskriminearje. Dêrom sille wy de útstelde presintaasjesubsydze foar keunstners dy't om ústens eksposearje, ek tapasse foar eksposysjes fan begjinnende keunstners yn ús provinsje. Oars as de eksposysjes om ústens, wolle wy starters fjouwer jier foar subsydze yn de beneaming komme litte foar yn ús provinsje hâlden eksposysjes. Dizze termyn slút oan by lanlike foarsjennings as de WIK en it basisstipendium.

Foar it skiften fan ryp en grien ûnder de keunstners yn ús provinsje hifket in kommisje fan fakgenoaten oanmeldings foar it dokumintaasjebestân fan Keunstwurk op it beropsmjittich funksjonearen en de kwaliteit fan it wurk.

De provinsje makket gebrûk fan dit bestân as it giet om it marzjynaal toetsen fan keunstners yn it ramt fan it subsydzjebelied. Fan keunstners dy't (noch) net oan de stelde betingsten foldogge hifket de Provinsjale Advyskommisje de kwaliteit fan it wurk. Soks om begjinnende keunstners net fan subsydzjemoglikheden út te sluten.

Om't wy de drompels foar begjinnende keunstners/akademyferlitters fierder ferleegje wolle, sil it tapassen fan de útstelde nije presintaasje-subsydzjeregeling allinne op in foltôge fakoplieding en it jier fan ôfstudearjen hifke wurde. De regeling is fan tapassing foar de fjouwer jier folgjend op it beheljen fan it diploma. Startende autodidakten bliuwe de besteande betingsten oangeande beropsmjittigens en kwaliteit fan it wurk foar jilden.

Net te ûnderskatten is it belang fan de net-profesjonele keunstners. Yn it belied fan de provinsje komt earst yn byld as it giet om it hifkjen op de beropsmjittigens en de kwaliteit fan it wurk fan oanmeldings foar it dokumintaasjebestân fan Keunstwurk.

3.2 De merk: de yntermediêrs.

De 34 galery's yn ús provinsje binne meielkoar de rêchbonke fan de merk foar keunst. It tanommen tal - benammen Beetstersweach pykte der út - is net allinne it ferskaat mar ek de kwaliteit fan it aanbod te'n goede kommen. As it giet om sprieding fan de galery's oer de provinsje komme de Súdwest- en Noardeasthoeke fan de provinsje oan de krapperein. Fan de galery's meitsje 22 gebrûk fan de provinsjale koartingsregeling foar oankeapen fan partikulieren: de ASK. Fjouwer waarden talitten ta de rintesubsydzjeregeling dy't de

Mondriaanstichting útfiert. Ut saaklike oerwegings nimme de galery's net graach risiko's wurk fan begjinnende keunstners of minder tagonklik wurk te programmearjen. Sûnder de mear ideële galery's tekoart dwaan te wollen kin sein wurde dat de galery's leaver wurk programmearje dêr't publyk foar is.

Gearwurking tusken en it mienskiplik nei bûten treden fan de galery's yn ús provinsje is gjin libbene praktyk. Mar in beheind part fan galery's wiene de ôfrûne jierren fertsjinwurdige op de Gallery Artshow yn Grins of de Kunstrai yn A'dam. It útbringen fan in provinsjale keunstgids dy't mei stipe fan de provinsje ferskynd is, wie ek gjin oanlieding ta in mienskiplike oanpak. De mieningen fan de galery's oer de ASK-oankeapregeling lizze allikemin op ien lijn.

Yn it gefal fan de net-kommersjele yntermediêrs giet it benammen om troch de gruttere gemeenten subsidiearre fêste eksposysjeromten as it Museum van Haren, it Hannemahûs, it Museum Smallerland, de BAS-Galerie, Theater Romein, de SBK yn Ljouwert en de dependanses yn Drachten en op It Hearrenfean, resp. Galerij in de Lawei en Kunstruimte Heerenveen. Hjir moat mei eare neamd wurde: it eksposysjebelied fan 't Coopmanshûs yn Frjentsjer. Fan de fêste eksposysjeromten moat op dit plak ek de Avéro Toren yn Ljouwert neamd wurde.

*** Belied:**

Op provinsjaal nivo misse presintaasjemooglikheden fan aktueel wurk en wurk fan minder bekende nammen dat yn it oanbod fan de galery's oan de krapperein komt en (noch) foar de iepenbiere kolleksje fan it Fries Museum yn de beneaming komt. Om dit gat op tefoljen sille wy in budzjet útlûke foar it bieden fan in poadium oan dat wurk. Dêrby tinke wy oan wikseljende eksposysjes fan wurk fan begjinnende keunstners en wurk keppelen oan in téma of technyk; by foarkar net gearstald troch in fêste konservator. Op dat poadium moat ek romte wêze foar foarmjouwing yn syn ûnderskate tapassingsmooglikheden. It poadium wolle wy ûnderbringe by it Sintrum Byldzjende Keunst en Foarmjouwing.

Lokale presintaasjes fan byldzjende keunst op partikulier en/of gemeentlik inisjatyf binne bygelyks: It Sudergemaal, Open Stal en oare inisjativen as "Kunst aan de Luts", "Kunst aan huis" yn it Lauwersmargebiet en de St. Op Toutenburg. Dêrneist is der in tal keunsten atelierrûtes, ad hoc-projekten as "Friesland buitendijks" en "Honderd schilders op Ameland". It binne ornaris partikuliere inisjativen fan keunstners, stiftingen, ferienings fan pleatslik belang en oare organisaasjes dy't al of net yn it ramt fan kultuertoerisme omtinken oan byldzjende keunst jaan wolle. In ferskaat oan presintaasjes mei in lege drompel, en dêrom foar it berikken fan in breed publyk tige wichtich. Yn sokke inisjativen moat dêrom net allinne it nedige omtinken jûn wurde oan it útbringen fan in begeliedende publikaasje, mar ek oan it gidsen fan it publyk.

Wy binne fan betinken dat it yn it ramt fan it kultuertoerisme in goede saak wêze soe nijsgjirrige lokale manifestaasjes yn in beheinde tiid te konsintrearjen (yn bygelyks in Fryske moanne/wike fan de byldzjende keunst) en de promoasje dêrfoar te bondeljen.

*** Belied:**

It ynskeakeljen fan keunstners yn de publyksbegelieding fertsjinnet it nedige omtinken yn it 'flankearend belied' yn it ramt fan de WIK. Wy sille honorariumkosten fan

keunstners/ûntwerpers ynsetten foar de edukative begelieding by projekten en manifestaasjes foar subsydzje yn de beneaming komme litte.

It giet hjir om projekten en manifestaasjes dy't benammen op it provinsjale budzjet foar ynsidintele aktiviteiten oanwiisd binne. De provinsje jout foarrang oan inisjativen yn regio's fan de provinsje dy't wol wat inisjativen brûke kinne as it giet om de presintaasje fan byldzjende keunst. Yn dit ferbân moat ek de lâns doarpshûzen roelearjende edukative projekten "Keunst yn eigen doarp" fan Keunstwurk, SBK Fryslân en de St. Dorpshuizen Friesland en de aktiviteiten van Hellingstichting fan de St. Alde Fryske Tsjerken neamd wurde.

*** Belied**

Ut de subsydzjepрактык út de ôfrûne jierren komt nei foaren dat jierliks hâlden presintaasjes tsjin de grinzen fan it subsydzjerezjym fan it budzjet foar ynsidintele projekten oanrinne. Wy hawwe dêr de mouwe oanpast sokke inisjativen trijeris oer in tiidrek fan fiif jier foar subsydzje yn de beneaming komme te litten.

Wy konkludearje dat de provinsjale sprieding fan presintaasjemooglikheden fan byldzjende keunst net sa min bylket. Soks mei troch it stypjen fan inisjativen yn de regio's dy't in wite flek op de kaart binne as it giet om de presintaasje. Wy stelle ús op it stânpunt dat jierliks hâlden lokale aktiviteiten nei in tal jierren foar rekken fan de oanbelangjende gemeente komme moatte.

3.3 De stipers: gemeenten, opdrachtjouwers en oaren.

De gemeenten:

De gemeenten Smellingerlân en Ljouwert komme foar in útkearing yn it ramt fan de Rijksbijdrage Beeldende Kunst en Vormgeving yn de beneaming. Op basis fan it nije IPO/VNG-konveant waarden begjin 1997 mei de beide gemeenten nije oerienkomsten sluten. Oan de hân fan de jildende betingsten foar de besteging fan de ryksmiddels waard de taakferdieling tusken de beide rjochthawwende gemeenten en de provinsje oer de ôfrûne jierren trochset. Beide gemeenten rêde harren mei inisjativen dy't fan gemeentlike betsjutting binne. Aktiviteiten yn beide gemeenten dy't boppe de gemeentegrinzen útgeane kinne ek foar provinsjale middels yn de beneaming komme. It provinsjale budzjet foar op it mêd fan publikaasjes stiet ek iepen foar keunstners út de beide gemeenten.

*** Belied:**

Om't wy foarstanner binne fan in maklik te hantearjen en ynsichtlike subsydzjeregeling stiet it troch ús útstelde budzjet foar kostefergoedings foar it meidwaan oan eksposysjes yn en bûten de provinsje ek iepen foar de keunstners yn de beide konvenantgemeenten.

Yn de konvenant-gemeenten Smellingerlân en Ljouwert wurde de eigen middels fan de ryksbijdrage benammen brûkt foar monumintaal wurk en projekten. Wy wolle - mei yn achtnimmen fan de makke ôfspraken - it belied trochsette opdrachtjouwers op it mêd fan monumintaal wurk en foarmjouwing, lokale projekten en presintaasjes yn beide gemeenten net meipartsje te litten yn de provinsjale budzjetten.

Mei Ljouwert waard oerienkommen dat dizze gemeente jierliks in bydrage út eigen middels fan de ryksbydrage beskikber stelt foar it eksposysjeprogram fan de St. Beeldende Kunst Friesland.

Wy stelle it op priis dat Ljouwert, nei it eardere ynlúken fan it subsidydze yn 1996, wer meiferantwurdlikens draacht foar de keunstútlien.

Op basis fan earder makke ôfspraken tusken de provinsje en Ljouwert oangeande de ôfdieling moderne keunst fan it Fries Museum komt de apparatuer foar grafyske techniken fan de Akademy Vredeman de Vries, ûnderbrocht yn it Grafisch Atelier Friesland, foar rekken fan de gemeente Ljouwert. Dizze foarsjenning is op kostebasis beskikber foar mienskiplik gebrûk troch Fryske keunstners.

Wy geane mei de gemeente Smellingerlân en It Hearrenfean yn oerlis oer de dependances fan de SBK yn dizze gemeenten, sadree't de nije subsidydzejefhâldings fan de provinsje mei de haadfestiging dêr oanlieding ta jouwe. It giet hjir om de "Galerij van de Lawei" en "Kunstruimte" op It Hearrenfean.

De 29 oare gemeenten yn ús provinsje binne, neist ynsindintele middels fan de provinsje, oanwiisd op eigen belied en dêr foar útlutsen eigen middels. Yn de ryksbydrage partsje allinne de gemeenten mei dy't op 1-1-'95 op syn minst 65.000.- ynwenners hiene of de grutste of op ien nei grutste gemeente yn de provinsje binne mei op syn minst 37.500 ynwenners. Soks neffens it IPO/VNG-konvenant oer it tiidrek 1997-2000.

Ut de enkête fan it Platform Vakorganisaasjes Beeldende Kunst yn 1996 ûnder de gemeenten hâlden, komt nei foaren dat in tredde part op ien of oare wize belied makket op it mêd fan de byldzjende keunst. It giet yn dat skift meast (yn 25% fan de gemeenten) om in oankeap- en opdrachtbelied en eksposysjebelied. Dat binne fierhinne deselde gemeenten dy't gebrûk meitsje fan it provinsjale budzjet foar opdrachten fan monumintaal wurk. Seis gemeenten hawwe in 1%-regeling; likefolle gemeenten hawwe in sintrum foar keunstsinnige foarming mei kursussen yn de byldzjende fakken.

Wy diele de konklúzje fan it Platform dat de gruttere gemeenten mei in regionale sintrumfunksje yn de measte gefallen in goede bydrage leverje oan it befoarderjen fan it klimaat foar de byldzjende keunst. Foar de mearderheid jildt lykwols dat gemeenten op ad hoc-basis byspringe yn lokale inisjativen. Dêrby docht nochalris bliken dat de wei it provinsjehûs koarter is as nei it gemeentehûs. Dat soe neffens ús krekt oarsom wêze moatte.

Yn it befoarderjen fan it draachflak foar byldzjende keunst en foarmjouwing kinne de gemeenten slim mist wurde. Wy wolle yn dit ferbân nochris wize op mooglikheden fan de St. Keunstwurk de gemeenten te stypjen by it meitsen fan belied. Untjouwings oangeande de WIK en de konsekwinsjes dêrfan foar de gemeenten ûnderstreekje nochris de needsaak hjir wurk fan te meitsjen. Op dit plak freegje wy ek nochris omtinken foar de troch ús bepleite yntegraasje fan keunst en foarmjouwing yn gemeentlike plannen foar doarpsfer-nijing en -útwreiding en kultuertoerisme. Gemeenten binne as opdrachtjouwers in wichtige skeakel yn it oanlúken fan keunstners en foarmjouwers/ûntwerpers by it ferbetterjen fan it klimaat foar it wenjen en wurkjen yn ús provinsje. Reden foar ús de gemeenten te stimulearjen net allinne - as kroan op it wurk - opdrachten te jaan foar monumintaal wurk, mar ek ûntwerpers en romtlike foarmjouwers yn de tarieding fan gemeentlike

plannen foar stêds- en doarpsfermijing te beheljen. Foar dat doel wolle wy de mooglikheden fan it budzjet foar opdrachten ferromje en it budzjet ferheegje.

Ek gemeenten sûnder sokke plannen en fêste eksposysjeromte kinne bydrage oan it klimaat. Wy tinke yn dit ferbân oan it brûken fan it gemeentehûs (Burgum en eartiids Beetstersweach) de bibleteek of doarpshûzen foar dat doel.

Bûten de oerheden moatte opdrachtjouwers, stipers en keapers fan byldzjende keunst en foarmjouwing benammen socht wurde yn it bedriuwslibben, ynstellings yn de soarch en it ûnderwiis, wenningbouferienings en oare gruttere organisaasje yn de iepenbiere sektor. Yn dizze sektoaren fertsjinje byldzjende keunst en foarmjouwing en syn tapassingsmooglikheden en it ekonomyske belang dêrfan mear omtinken te krijen. Gelokkich binne der ek organisaasjes/bedriuwen dy't bedriuw-keunstkolleksjes oanlizze of in bydrage leverje oan it presintearjen fan keunst. Yn Ljouwert giet it resp. om bygls. de AVM, FBTO en benammen de eksposysjes yn de Avéro Toren.

Foar de protte lytsere bedriuwen yn ús provinsje binne der lykwols ek wol oare - foar in beskieden beurs - gaadlike mooglikheden by te dragen oan it klimaat foar byldzjende keunst en foarmjouwing. Wy doele net allinne op de mooglikheden fan de keunstútliën en it stypjen fan eksposysjes en publikaasjes, mar ek op it ynhieren fan in "hûskeunstner of -foarmjouwer" op kontraktbasis. It ynhieren fan profesjonele krêativiteit foar de aanklaaiing fan bedriuwsmromten, it meitsjen fan ûntwerpen foar printwurk, relaasjepresintsjes en oare op de promoasje en reklame rjochte aktiviteiten fertsjinnje in rommere tapassing.

Fan net te ûnderskatten belang foar it klimaat binne pleatslike stiftingen, ferienings fan doarpsbelang en oare partikuliere inisjatyfnimmers. Organisaasjes dy't benammen, wy hawwe dat al neamd, tige wichtich binne foar it berikken fan in breed publyk. Benammen op plakken dêr't oare fêste foarsjennings net binnen hânberik lizze. As lêste, mar net it minst wichtige, skift fan stipers fan de byldzjende keunst moatte hjir neamd wurde de partikuliere 'kolleksjoneurs'. In potinsjeel dêr't musea graach op weromfalle as it giet om it ferbetterjen en/of útwreidzjen fan de eigen iepenbiere kolleksje.

3.4 De konsumint: de 'kijkers' en keapers.

Yn de slach om de geunst fan it publyk steane byldzjende keunst en foarmjouwing net allinne. De budzjetten foar it lûken fan 'kijkers' en keapers fan dizze 'merit goods' steane lykwols yn gjin ferhâlding ta wat oare en makliker tagonklike byldtalen ta harren foldwaan hawwe. Dêr komt nochris by dat de dreger tagonklike byldtaal ynvestearje moat yn de konsumint: de keunstedukaasje en de publyksbegelieding.

Reden beskikbere beskieden provinsjale middels en foarsjennings foar it winnen fan publyk foar byldzjende keunst mei de nedige fernimstigens yn te setten. Yn dat ljocht besjoen binne wy fan betinken dat de tagonklikens fan de byldzjende keunst better tsjinne is mei it sljochtsjen fan immateriële as fan materiële drompels.

No stiet de provinsje der net allinne foar as it giet om keunstedukaasje en de publyksbegelieding. Neist de fiif gemeentlike sintra keunstsinnige foarming moatte yn dit ferbân ek de foar in breed publyk ornearre lokale aktiviteiten neamd wurde. Nijsgjirrich foarbyld foar bern is it Jeugd Atelier Museum op It Hearrenfean. Op provinsjaal nivo giet it om

profesjonele edukative en promoasje aktiviteiten van Keunstwurk yn it ûnderwiis en dêr bûten en de edukative aktiviteiten foar grut en lyts fan it Fries Museum en ferienings dy't harren op byldzjende keunst útlizze.

Yn de publyksbegelieding nimt de parse yn ús provinsje in wichtich oanpart foar syn rekken. Keunstkritiken en besprekkings fan eksposysjes leverje in wichtige bydrage oan sawol it sjen nei as it keapjen fan keunst. Yn dit ferbân moat ek de wichtige rol fan Omrop Fryslân yn it berikken fan in breed publyk neamd wurde; de televyzje is in foar de byldzjende keunst gaadlik en tagonklik medium. De yn it libben roppen St. Friese Kunstenaarsbiografiën moat hjir ek neamd wurde. De stifting is inisjatyfnimmer fan de oersjochseksposysje yn it Fries Museum mei begeliedende publikaasje fan it oeuvre fan Bouke van der Sloot silger.

*** Belied:**

Yn 'lijn' mei it tapassen fan de nije media yn de promoasje fan byldzjende keunst leit ek yn ús foarnimmen de digitalisearre dokumintaasjebestannen yn it Noarden te keppeljen en op twa lokaasjes bûten Ljouwert publyksfreonlike skermen - saneamde "artsuilen"- oan it bestân fan Keunstwurk te keppeljen.

It aksint yn it befoarderjen fan de niget fan ynwenners fan ús provinsje oan úterings fan byldzjende keunst hat yn de ôfrûne beliedsperioade benammen lein op de sprieding fan de presintaasje. Wy binne fan betinken dat mei gebrûk fan de besteande provinsjale edukative foarsjennings it aksint ferskove moat nei it foar publyk tagonklik(er) meitsjen fan it oanbod.

Om ta in lykwichtige(r) taakferdieling yn de edukative taken yn de ûnderskate skiften yn it publyk yn en bûten it ûnderwiis en in dêr op ôfstimde spesifike benadering mooglik te kommen, sille wy de St. Keunstwurk, de St. Beeldende Kunst Friesland en de St. Fries Museum freegje edukative tsjinsten te fersterkjen troch útwreiding fan de gearwurking yn de eigen taken op dat mêd en it op elkoar ôfstimmen dêrfan.

Yn troch de provinsje subsidiearre publikaasjes by eksposysjes sil omtinken frege wurde foar it opnimmen fan in op it publyk rjochte bydrage oer it wurk.

Haadstik 4: It provinsjale belied sûnt 1993

Yn dit haadstik wurde de beliedsynstruminten fan de provinsje sûnt 1993 yn it koart oereide. Earstens giet it hjir om de trije troch de provinsje stipe ynstellings dy't elk foar in part fan harren wurk ûnderdiel binne fan de provinsjale ynfrastuktuer foar byldzjende keunst. Twaddens komme yn dit haadstik de provinsjale budzjetten fan de ryksbydrage foar ynsidintele aktiviteiten oan de oarder en de troch ús útstelde feroarings yn dizze budzjetten.

4.1 Strukturele foarsjennings:

4.1.1 De St.Keunstwurk:

De provinsjale stipefunksjes op it mêd fan de byldzjende keunst binne yn 1993 oergien fan it Keunstynstitút nei syn rjochtsopfolger Keunstwurk.

De formaasje fan Keunstwurk foar de stipefunksjes byldzjende keunst bestiet út: 2 plakken foar de stipefunksjes byldzjende keunst en 1 foar de dokumintaasje op it mêd fan de byldzjende keunst en foarmjouwing. Foar de trije formaasjeplakken is in aktiviteitebudzjet fan ± f 80.000.- beskikber.

Foar de (byldzjende) keunstsinnige foarming yn it basisûnderwiis is 1,0 fte, foar de útstallingstsjinst is in formaasje fan 0,4 fte beskikber.

Yn de stipefunksjes giet it om it ynhâldkik advisearjen fan treden, it jaan fan foarljochting oan en oer keunstners en it organisatoarysk begelieden en stypjen fan eksposysjes en projekten en oare inisjativen fan partikulieren, ynstellings en bedriuwen.

Fan it wurk fan Keunstwurk dat mei de stipefunksjes op it mêd fan byldzjende keunst anneks is moatte hjir it leverjen fan bydragen oan publikaasjes, it bieden fan in poadium oan diskusje oer keunst, it hâlden fan stúdzjedagen en kursussen en it dwaan fan organisatoarysk wurk foar it Frysk Festival neamd wurde.

Under de flerken fan Keunstwurk falle ek gearwurkingsprojekten ("Over de grens") mei kollega-ynstituten e.o. dy't nije ympulsen jouwe oan de byldzjende keunst en de foarmjouwing. Yn de mande mei de Mondriaanstichting is Keunstwurk behelle yn projekten yn Eaststellingwerf en Dongeradiel. Yn Ljouwert gie it om in workshop oer foarmjouwing yn de iepenbiere romte.

Foar it oare is Keunstwurk inisjatyfnimmer fan it útbringen fan it periodyk "Praktikabel" dat him benammen útleit op de tapaste keunsten en autonome foarmjouwing en dêr keppele téma- presintaasjes ("Boekwurk"). Yn de mande mei de St.Bouwkunst is de St.Keunstwurk dwaande in tiidskrift yn it libben te roppen dat in poadium biedt oan foarmjouwing en boukeunst. It is it doel de eksploitaasje fan it periodyk rûn te meitsjen fan bydragen fan sponsors en de Mondriaanstichting.

Wy binne der mei ynnommen dat it bestjoer fan Keunstwurk him ree ferklearre hat

romhertich mei te wurkjen oan it provinsjale belied oangeande de foarmjouwing. Foar it ûnderbringen fan de troch ús útstelde foarsjennings op dat mêd tinke wy oan it nij op te rjochtsjen Sintrum Byldzjende keunst en Foarmjouwing. Om't dizze foarsjennings net wachtsje kinne op dat sintrum, sille wy Keunstwrk freegje hjir tuskentiids in mouwe oan te passen.

Yn de edukative taken fan Keunstwurk giet it net allinne om it earder neamde projekt "Keunst yn eigen doarp" dat yn de mande mei de St. Samenwerking Dorpshuizen in Friesland en de SBK syn beslach krige. It giet hjir ek om sels makke edukative útstallings fan de útstallingstsjinst foar de heechste groep fan de basisskoallen en it fuortset ûnderwiis; út en troch kepppele oan eksposysjes. De útstallingstsjinst is op kostebasis ek beskikber foar it ynrjochtsjen fan eksposysjes fan treden.

De formaasje foar de keunstsinnige foarming op it mêd fan de byldzjende keunst is in ûnderdiel fan it mei oare dissiplines yntegrearre aanbod foar de basisskoallen.

As lêste mar net de minst wichtige aktiviteit fan Keunstwurk is de dokumintaasje fan beropsmjittich wurkjende keunstners en harren wurk en de ynformaasjefoarsjenning op it mêd fan byldzjende keunst yn it algemien. Oanmeldings foar it opnimmen yn it dokumintaasjebestân wurde troch de saneamde dokumintaasjekommisje hifke op beropsmjittigens yn de wize fan wurkjen en de kwaliteit fan it wurk. It tal akademyferlitters ûnder de oanmeldings is nei it opdoeken fan de Akademy Vredeman de Vries weromrûn. Op ús fersyk hat Keunstwurk yn 1995 ek in begjin makke mei de registraasje fan foarmjouwers (± 50 ; meast grafyske ûntwerpers) dy't yn ús provinsje wenje en wurkje.

Wy binne fan betinken dat de nije visuele media in wichtich oanpart leverje kinne yn de ynformaasjefoarsjenning op it mêd fan de byldzjende keunst en foarmjouwing en it ferromjen fan de merk. Dêrom hawwe wy mei Drinthe, Grinslân en Oerissel in ûndersyk starten nei mooglikheden de digitalisearre dokumintaasjes yn dizze provinsjes te keppeljen. It moat neffens ús in útwreide en eigentiidske opfolger wurde fan de lêstferskynde útjefte "Kunstenaars in Friesland". De nije visuële media kinne de âlde noch net ferfange lykwols. Foar ús genôch reden it budzjet foar publikaasjes op it mêd fan de byldzjende keunst en foarmjouwing te hanthavenjen.

As wy dit skriuwe is in ûndersyk geande nei de kosten fan sa'n mienskiplike foarsjenning yn it Noarden. Wat ús provinsje oangiet hawwe wy dêr de fraach oan keppele de mooglikheden en de kosten mei te nimmen fan it keppeljen fan twa terminals oan de dokumintaasje fan Keunstwurk op twa lokaasjes bûten Ljouwert. De opsje dêr't de Noarlike sintra byldzjende keunst foar kieze komt neffens de ferwachting, eksklusyf de spesifyk Fryske winsken mei twa terminals bûten Ljouwert, op in ienmalige ynvestearring fan $\pm f 40.000.-$. De mearkosten fan de beide terminals net ynbegrepen. De eksploitaasjekosten dy't mei it ynfieren en aktueel hâlden fan it bestân anneks binne, moatte meidertiid behelle wurde yn de produktbegrutting fan Keunstwurk. Sjoen de te ferwachtsjen hege kosten foar auteursrjochten en de beheinde dekking fan dat medium tinke wy foarearst net oan it keppeljen fan it bestân oan Internet.

*** Belied:**

Wy sille *f 40.000.-* ynvestearje yn de kosten ferbûn oan it digitalisearjen fan de dokumintaasje fan Keunstwurk en it keppeljen dêrfan oan de dokumintaasjes yn it

Noarden. De mearkosten fan it keppeljen fan twa publyksfreonlike terminals bûten Ljouwert en it keppeljen fan de dokumintaasjes oan Internet komme wy meidertiid op werom.

Om't de ynformaasjefoarsjenning op it mêd fan de foarmjouwing yn ús provinsje mist, fertsjinnet dat wichtige aspekt fan de ynfrastruktuer foar foarmjouwing spesjaal omtinken. Mei gebrûk fan de lanlike foarsjennings op dat mêd fan it Vormgevingsinstituut moat Keunstwurk oer oanfoljende mooglikheden datoangeande beskikke kinne.

4.1.2 De St. Beeldende Kunst Friesland / Keunstútlien.

Fan de foarsjennings dy't ûnderdiel binne fan de provinsjale ynfrastruktuer komt in wichtich plak ta oan de keunstútlien yn Ljouwert mei syn filialen yn Drachten en op It Hearrenfean. De ynstelling rekkenet it syn taak de ferkeap en sprieding fan keunst en de ynkommensposysje fan keunstners te befoarderjen.

It belang fan de SBK Fryslân leit benammen yn in goede provinsjale sprieding fan in foar in breed publyk tagonklike foarsjenning as de keunstútlien. De provinsje hat der dêrom alle belang by de beskikbere kolleksje op peil en foar in breed publyk tagonklik te meitsjen en te hâlden.

Yn ús nota fan 1993 waard de SBK oansein foar de bydrage fan de provinsje yn de eksploitaasje yn it plak, genôch eigen middels te generearjen. De SBK waard de suggestje jûn de oplossing te sykjen yn goedkeaper hûsfesting. Dat is der oant no ta net fan kommen. Op 18 novimber 1997 waard troch jimme steaten besluten de bydrage foar de eksploitaasje yn 1998 yn te lûken en de besteande útkearing út de ryksbydrage foar lienfergoedings (ad f 200.000.-) op de besteande foet troch te setten. Tuskentiids hat de SBK net allinne behelle west yn opsjes foar eigen nije hûsfesting mar ek yn oerlis fan de Keunstwurk (ynearsten ek mei it Fries Museum) te kommen ta in Sintrum Byldzjende Keunst.

Yn 1996 hie de SBK wurk fan 900 keunstners út it hiele lân yn de útlienkolleksje. In fjirde part dêrfan wennet en wurket yn ús provinsje; fan dat sifer nimme de keunstners yn de gemeente Ljouwert hast de helte foar harren rekken. De SBK hat yn datselde jier hast f 850.000.- oan de keunstners útbetelle. Oan útkearde lienfergoedings gie it om f 315.000.-. Lykas yn foarôfgeande jierren nimt de provinsje dêrfan it fêste bedrach fan f 200.000.- út de ryksbydrage foar syn rekken. Fan de útbetelle lienfergoedings kaam mear as in tredde part foar rekken fan de SBK sels.

Oan ferkeapen oan abonnee's gie it yn 1996 om 735 wurken en in bedrach fan f 360.000.-; in tebekgong mei hast 125 wurken; yn jild gie it om in bedrach fan f 80.000.- yn ferliking mei 1995. Yn 1996 hat de SBK it eigen budzjet foar oankeapen ta f 175.000.-ferhege.

1996 wie ek it jier dat de SBK it sûnder it subsydzje fan de gemeente Ljouwert stelle moast. Om dochs út de kosten te kommen waarden yn dat jier de beide goedkeapste abonneminten skrast en waard op de spartegoeden fan de abonnee's koarten.

It abonneebestân fan de SBK jout oant 1997 in frij konstant byld. De depandances yn

Drachten en It Hearrenfean en de abonneminten fan bedriuwen, skoallen en ynstellings meirekkene, gie it ein 1996 om 5040 abonneminten. Fan dat sifer komme 2521 foar rekken fan de ynwenners fan Ljouwert. De ferwachtings binne dat it abonneebestân yn 1997 fierder ûnder druk komt te stean fan it ferhege BTW-taryf.

It stribjen ûnderdielen fan it wurk dy't harren dêr foar liene op kostedekkende basis út te fieren, is benammen slagge yn de abonneminten fan bedriuwen.

Ut de sprieding fan de abonnee's oer de provinsje docht bliken dat de SBK foar de Súdwest- en Súdeasthoeke en it Noardeasten fan ús provinsje fan beheinde bestjutting is as it giet om it tal abonneminthâlders. Dat binne teffens de regio's yn ús provinsje dy't net rynsk bedield binne mei inisjativen op it mêd fan de byldzjende keunst.

*** Belied:**

Wy sille yn it troch ús útstelde plan opsteld troch de trije ynstellings foar in mienskiplik plan foar de keunstedukaasje spesjaal omtinken freegje foar de regio's dy't oan de krapperein komme as it giet om it gebrûkmeitsjen fan de foarsjennings fan de SBK.

Yn syn eksposysjeprogram stelt de SBK it publyk by steat op de hichte te kommen/bliuwen fan resint wurk of keunstners yn harren ûntjouwing te folgjen. It jier waarden yn de haadfestiging 12 eksposysjes hâlden. Dêr binne foar de keunstners gjin kosten oan ferbûn. It tal útstallings waard yn 1997 ta 8 werombrocht. Yn it ramt fan de nije ôfspraken oangeande de besteging fan de konvenantmiddels stelt de gemeente Ljouwert yn 1997 en folgjende jierren foar it eksposysjeprogram f 20.000.- beskikber.

*** Belied:**

Achtslein op de grutte betsjutting fan de SBK foar ynwenners fan Ljouwert en de keunstners út dizze gemeente, binne wy fan betinken dat de meiferantwurdlikens foar de SBK as basisfoarsjening fierder gean moat as de beskieden bydrage foar eksposysjes. Fan de abonneminthâlders wennet mear as de helte yn Ljouwert, fan de Fryske keunstners dy't mei wurk yn de kolleksje fan de SBK fertsjinjurdige binne komt 1/3 part út dizze gemeente.

De haadfestiging nimt yn syn eksploitaasje ek de beide dependances yn Drachten en It Hearrenfean mei. De gemeenten Smellingerlân en It Hearrenfean nimme de hûsfestigings- en persoanielskosten foar harren rekken. Beide gemeenten stypje de filialen mei elk likernôch f 30.000.-. It provinsjale subsydzje fan f 67.000.- yn de eksploitaasje wurdt oer de trije festigings ferparte op basis fan it tal abonneminthâlders.

De ûnwissens oangeande de hûsfesting fan de keunstútlien op It Hearrenfean is, nei in tydlike oplossing, ta in goede oplossing kommen. De keunstútlien hat mei in tal oare kulturele ynstellings gaadlik nij ûnderdak krigen yn it sintrum fan It Hearrenfean.

It foarnimmen de Galerij in de Lawei by it Museum Smellingerland ûnder te bringen is fan de baan.

De beide filialen leverje in goede bydrage oan de sprieding fan it wurk fan de keunstútlien. It oanpart fan beide festigings yn it abonneebestân wie ein 1996: hast 550 op It Hearrenfean, rom 1000 yn Drachten.

Punt fan soarch yn de filialen is it op peil hâlden fan it nedige ferskaat yn de beskikbere kolleksjes.

Ien en oar oereachjend kin konkludearre wurde dat it tal oankeapen aardich op peil

bliuwt, mar dat sawol de útkearde lienfergoedings oan keunstners as it tal abonnemint-hâlders ûnder druk steane. Hoewol't it tal abonnemint-hâlders de lêste jierren in stadige groei sjen liet, liket it der op dat der nije ympulsen nedich binne om it tal abonnemint-hâlders út te wreidzjen. Wy tinke hjirby benammen oan it fierder fêrsterkjen fan de gearwurking yn edukative taken en oare op de promoasje en it winnen fan publyk rjochte aktiviteiten binnen it nij op te rjochtsjen Sintrum foar Byldzjende Keunst en Foarmjouwing.

Wy binne fan betinken dat de tsjinstferliening fan de SBK net fierder ferskraalt wurde moat. De SBK moat by steat bliuwe syn ideële taakopfetting wier te meitsjen, dy't anneks is mei it foar in grutter publyk tagonklik meitsjen fan de merk. Yn de opdracht de drompels datoangeande te ferleegjen leit teffens de rjochtfeardiging fan stipe fan de oerheid. Wy binne dêrom fan betinken dat de SBK net alhiel yn itselde farwetter komme moat as de galery's, sûnder dêrby in saaklike wurkwize út de wei te gean lykwols. Wy miene dat it werombringen fan de eksploitaasjekosten fan de SBK troch it sykjen fan goedkeaper hûsfesting dêr goed yn past.

*** Belied:**

Hoewol't de SBK mei yngong fan 1998 ûnder it susydzjerezjym fan de produktbegrutting en dêr yn makke ôfspraken falt, wolle wy der op ta dat de SBK him - mei behâld fan de besteande bydrage foar útbetelle lienfergoedings as doelútkearing - yn 1999 sels rêdt. Soks mei de garânsje dat de besteande tsjinstferliening oereinbliuwt.

Yn ús stribjen de krêften te bondeljen, te kommen ta it werombringen fan de eksploitaasjekosten en it mienskiplik oppakken fan op publyk en edukaasje rjochte aktiviteiten, steane wy gearwurking fan de SBK mei Keunstwurk en it Platform Vakorganisaasjes beeldende Kunst Friesland foar yn in nij op te rjochtsjen sintrum.

4.1.3 De St. Fries Museum.

Op grûn fan de nota fan 1993 hat de provinsje sûnt dat jier f 475.000.- struktureel beskikber steld foar de eksploitaasje fan de ôfdieling moderne keunst fan it Fries Museum.

Fan it neamde bedrach is de nije tûke fan it museum foar in ton oanwiisd op de provinsjale middels fan de ryksbydrage ornearre foar oankeapen; itselde bedrach út deselde boarne is beskikber foar it eksposysjebelied en/of aktiviteiten dy't de Fryske keunstners te'n goede komme moatte.

Yn de Nota byldzjende keunst fan 1993 hat de provinsje oanjûn dat de ôfdieling moderne keunst fan it museum syn oanpart leverje moat yn it toanen fan wat ús provinsje op it mêd fan keunstsinnige úterings te bieden hat. Yn dat ferbân waard it museum om in beliedsnota frege om mei neiere útstellen oangeande de konkretisearring fan de rol en de taken fan de nije ôfdieling te kommen. Dêrby waard tocht oan it sammel- en eksposysjebelied en gearwurking mei kollega-musea yn en bûten de regio. Sawol foar it toanen fan wurk fan Fryske keunstners bûten de regio as oarsom. Soks mei de suggestje hjir ek eksposysjes hinne te heljen fan (ynter)nasjonale keunst fan bûten. Ien en oar mei de opdracht genôch eigen ynkomsten te generearjen, mei't de budzjetten foar oankeapen en eksposysjes beskikber steld út de ryksbydrage nei fiif jier oars ynset wurde kinne.

It oankeapbelied:

It earder beskikbere provinsjale budzjet foar oankeapen - ek ornearre foar wurk fan net-yn-libben Fryske keunstners- kaam yn 1993 te ferfallen. Foar dat budzjet yn it plak kamen de middels fan de ryksbydrage foar oankeapen fan de provinsje dy't oant en mei 1992 op advys fan de Provinsjale Advyskommisje Byldzjende Keunst bestege waarden foar it oanfoljen de provinsjale kolleksje. It budzjet fan f 100.000.- kaam yn 1993 op de noed fan it Fries Museum foar it útwreidzjen fan de iepenbiere kolleksje fan de nije ôfdieling. Yn 1994 waard foar de ynhâldlike ynfolling fan de ôfdieling moderne keunst in konservator op kontraktbasis oanlutsen.

Yn de ynterimsituasje tusken 1993 en it ta stân kommen fan it nije ûnderdak fan de ôfdieling moderne keunst yn 1996 waard dat budzjet brûkt foar oankeapen, soks yn oerlis mei de Provinsjale Advyskommisje Byldzjende Keunst. Om't it oankeapbudzjet ûnder subysdzjerezjym fan de ryksbydrage falt mei it eigen budzjet fan f 100.000.- allinne ynsetten wurde foar oankeapen fan yn-libben (Fryske) keunstners. De oerdracht fan it provinsjale oankeapbelied oan it Fries Museum makke in ein oan it yn de foarôfgeande jierren breed ynsetten oankeapbudzjet fan middels fan de ryksbydrage. Ut eardere ynsichten oangeande it oankeapbelied lei de klam op it sammeljen fan in kolleksje fan wurk út de abstrakt-geometryske en ekspresjonistyske streamings en de beide téma's lânskip en portret.

It muoit ús dat it Fries Museum net fêsthâlden hat oan de goede tradysje fan oanwinsten in aparte eksposysje te hâlden. Sa'n eksposysje is net allinne in iepenbiere ferantwurdig fan de brûkte middels, it biedt teffens de mooglikheid ta iepenbiere diskusje oer it oankeapbelied fan it Fries Museum.

Op basis fan in kolleksje- en oankeapplan waard it eigen budzjet fan it museum yn de ôfrûne jierren mei itselde bedrach oanfolle troch de Mondriaanstichting yn A'dam. Dat budzjet hat op it eigen budzjet foar dat ek wurk fan net-libben (Fryske) keunstners oankocht wurde mei. It wurdt benammen brûkt foar it opfoljen fan hiaten yn de kolleksje fan wurk fan ôf 1900 fan prominente Fryske keunstners. De kolleksje bestiet ûnderwilens út ± 400 wurken.

Ut eardere ynsichten fan it Fries Museum (foar it oantreden fan de nije direksje) foar no kaam nei foaren dat de kolleksje fan de ôfdieling moderne keunst út twa tûken bestean sil. Ien part fan de kolleksje sil bestean út wurk dat de nedige kwaliteit hat mei as téma it (Fryske) lânskip, de oare tûke fan de samling sil bestean út wurk fan Fryske promininten sûnt 1900. Beide sille ôfwikseljend yn semi-permaninte opstelling in plak krije op de earste ferdjipping fan de Kânselarij.

Romtlik wurk (bylden) sil in foarsjenning foar komme yn de tún fan de Kânselarij. Keramyk fan it Fries Museum sil oerdroegen wurde oan it Prinsessehof.

Yn de achterlizzende jierren waard de kolleksje moderne keunst fierders útwreide mei wurk út partikulier besit: De kolleksje (Knecht-Drenth) moderne Europeeske grafyk en in wichtige kolleksje fan de Hellingstichting út it oeuvre fan Boele Bregman wiene dêr nijsgjirrige foarbylden fan.

De provinsjale kolleksje (± 900 wurken) hie nei it ta stân kommen fan de nijbou foar de ôfdieling moderne keunst yn behear fan it Fries Museum jûn wurde sillen. Ut oerlis mei

it museum hat bliken dien dat it Fries Museum allinne belang hat by in seleksje fan \pm 100 wurken út de provinsjale kolleksje. Soks op basis fan brûklien en troch de provinsje betelle kosten fan de restauraasje fan it wurk dat dêr ferlet fan hat. It museum hat op dit stuit \pm 40 wurken út de provinsjale kolleksje yn brûklien en makket fierders gebrûk fan de oare wurken as dêr ferlet fan is.

Neist de boppesteande mooglikheden is de ôfdieling foar it oanfoljen en útwreidzjen fan de kolleksje oanwiisd op skinkingen en brûklienen fan wurk yn partikulier besit of wurk fan oare musea dat past yn de hjirboppe neamde skiften.

*** Belied:**

Foar it oereinhâlden fan de mooglikheden de kolleksje út te wreidzjen ta it "bûchbyld" fan wat ús provinsje op it mêd fan de moderne keunst te bieden hat, moat it eigen budzjet foar it oankeapbelied hanthavene wurde. Soks mei om it Fries Museum by steat te stellen ek yn de takomst gebrûk te meitsjen fan lanlike middels foar it fersterkjen fan syn kolleksje.

Om't it eigen budzjet beskikber steld út de ryksbydrage foldwaan moat oan de stelde betingsten, wolle wy fêsthâlde oan it betingst dat dizze middels ornearre bliuwe foar yn libben (Fryske) keunstners. Mei de gruttere bestegingsromte fan de middels foar oankeapen fan de de Mondriaanstichting biedt de kombinaasje fan de beide subsydzjeboarnen sawol goede mooglikheden gatten yn de kolleksje op te foljen as de kolleksje te aktualisearjen.

Wy stelle út it Fries Museum de makke seleksje fan \pm 100 wurken út de provinsjale kolleksje dy't past yn de iepenbiere kolleksje fan de ôfdieling moderne keunst yn brûklien te jaan en eventuele restauraasjekosten foar rekken fan de provinsje komme te litten. Wy sille yn oerlis mei it museum de kosten fan it opknappen fan it wurk taksearje litte.

It eksposysjebelied:

Yn it ramt fan de neiere ynfolling fan de nije tûke fan it Fries Museum waard, nei it oanlûken fan in konservator foar de ôfdieling moderne keunst, yn 1994 in begjin makke mei it eksposysjebelied. Fan it budzjet fan f 100.000.- fan de ryksbydrage moatte aktiviteiten opset wurde, it hâlden fan eksposysjes likegoed as it jaan fan opdrachten, dy't te'n goede komme oan yn-libben Fryske keunstners. Yn 1996 gie it om alve oankeapen fan Fryske keunstners en fjouwer opdrachten yn it ramt fan it projekt "Media Mundi".

De meast yn it each fallende aktiviteit wie de eksposysje oer it Fryske lânskip sûnt 1900 dy't yn it ramt fan it téma "Salut au monde" fan it Frysk Festival yn 1996 syn beslach krige. Foar it oare waarden yn dat jier fjouwer solo-eksposysjes fan Fryske keunstners hâlden. It budzjet waard ek brûkt foar it jaan fan in tal opdrachten oan Fryske keunstners ta it meitsjen fan nij wurk dat in al of net in permanint plakje yn it museum krige.

It oankeap- en eksposysjebelied fan it museum yn de ynterimsituaasje hat oant no ta net út bliken dien hokker kant it mei it plak en de funksje fan de nije ôfdieling út moat. Dêrom wolle op dit plak nochris wize op opmerkings datoangeande yn ús nota fan 1993: it ferlet fan in fizy op de ynhâldlike ynfolling fan de ôfdieling moderne keunst fan it Fries Museum. De provinsje fan syn kant is ree de dêrfoar nedige rânebetingsten te skeppen,

sûnder it museum yn it útsetten belied foar de fuotten rinne te wollen lykwols.

Yn ús nota fan 1993 hawwe wy it ien oar oanjûn oer de taak en it plak fan de ôfdieling: it útwikseljen fan de eigen kolleksje mei kollega-musea bûten de provinsje en it hjir programmearjen fan (ynter)nasjonale keunst. Wy moatte konkludearje dat de ôfdieling moderne keunst noch net it libbene poadium is dat ús foar eagen stie.

By neier ynsjen moatte wy konkludearje dat sa'n poadium foar moderne keunst mei de nedige útstrieling, mear earmslach nedich hat as it subsydzjerezjym fan de ryksbydrage en de dêr oan keppele betingsten talitte. Wy tekenje dêr by oan dat eardere ferwachtings dat it Fries Museum nei in tiidrek fan fiif jier foar de middels fan de ryksbydrage yn it plak foar ferfangende eigen finansiering soargje moatte kin, net realistysk west hat.

Wy oardiele it achterlizzende tiidrek fan fjouwer jier tekoart om it Fries Museum op it fierde belied oangeande de ôfdieling moderne keunst ôftekkenje te kinnen. No't de earste oanrinproblemen achter de rêch binne en it ynrjochtsjen fan wikseljende semi-permaninte opstellings foar moderne keunst op de earste ferdjipping fan de Kânselarij syn beslach kriget, hat de nije tûke fan it Fries Museum ûnderwilens fêste grûn ûnder de fuotten krigen.

Wy binne lykwols al fan betinken dat de kolleksje moderne keunst, syn plak en funksje, it nedige neiere omtinken hawwe moatte. Wy sille it Fries Museum dêrom freegje meikoarten mei in ynhâldlike fizy nei bûten te kommen.

De fúzjeplannen fan it Fries Museum en it Princessehof biede sawol op it punt fan it fersterkjen fan it eksposysjebelied, as op it punt fan kontakten mei kollega-musea en it mienskiplik oppakken fan de promoasje nije mooglikheden. Soks jildt ek foar it keppeljen fan de ambachtlike keunsten fan it Princessehof oan de kolleksje fan it Fries Museum. Ien en oar is foar ús genôch reden ús yn te setten foar it ta stân bringen fan de fúzje. Soks yn de hope en de ferwachting dat de nije direksje fan de beide komparanten ek syn oanpart yn it fersterkjen fan de posysje fan de moderne keunst leverje sil.

*** Belied:**

Wy wachtsje neiere beliedsútstellen fan it Fries Museum (en eventueel it Princessehof) oangeande de ynfolling fan it plak en de funksje fan de ôfdieling moderne keunst ôf. Foar it eksposysje-budzjet út de ryksbydrage yn it plak, sille wy mei yngong fan 1999 itselde bedrach út eigen middels betelje. De middels fan de ryksbydrage wolle wy datselde jier te'n goede komme litte oan it bieden fan in poadium oan wurk fan Fryske keunstners dat op koarter sicht bûten de iepenbiere kolleksje falt, mar dat op langer sicht foar it op peil hâlden dêrfan ûnmisber is.

Op basis fan in beliedsplan oangeande it eksposysjebelied sille wy oannimlik makke oanfoljende finansiering meinimme yn de ôfwaging oangeande de Perspektyfnota 1999 ornearre foar saneamde "majeure" projekten.

Yn ús stribjen te kommen ta it fersterkjen fan de ynfrastuktuer foar de byldzjende keunst en foarmjouwing past ek it Belvedèremuseum yn oprjochting yn Oranjewâld. It bondeljen fan de krêften fan de promoasje foar de kolleksjes moderne keunst is in goede saak is.

*** Belied:**

Om't de provinsje oars in te swiere sile te lûken kriget, moat it Belvedèremuseum út eigen wjokken fleane kinne. Wy stelle ús dêrom op it stânpunt dat gearwurking allinne syn beslach krije kin as soks nèt liedt ta hegere eksploitaasjelesten fan it Fries Museum.

4.1.4 Sintrum Byldzjende keunst en foarmjouwing.

Yn ús nota fan 1993 hawwe wy ús der by dellein guon stipefunksjes fan (doe noch) it Keunstynstitút net by it Fries Museum ûnder te bringen. Soks nei oanlieding fan beswierren út de hoeke fan de keunstnersorganisaasjes. Yn de selde nota waard der op oanstien dat it nije ynstitút der op tawurkje moat dat it Fries Museum in sintrum foar byldzjende keunst wurdt.

Dat lêstneamde is der oant no ta net fan kommen.

It docht ús lykwols goed dat diskusje om ta gearwurking te kommen dy't liedt ta bondeljen fan beskikbere saakkundigens en middels en it op elkoar ôfstimmen fan it wurk wer op gong kommen is. Soks kin de sektor allinne mar te'n goede komme. Yn it oerlis om ta konsintraasje fan aktiviteiten yn in Sintrum Byldzjende Keunst en Foarmjouwing te kommen binne behelle: de St. Beeldende Kunst Friesland, Keunstwurk, it Platform Vakorganisaasjes Beeldende Kunst Friesland.

*** Belied:**

Wy tinke dêrby oan gearwurking yn it mienskiplik dwaan fan de administraasje en dokumintaasje, de publyksorganisaasje/promoasje en it koördinearjen fan it edukative wurk. Yn it sintrum moat ek in budzjet foar eksposysjes beskikber wêze. It earder neamde provinsjale poadium bekostige fan it budzjet fan de ryksbydrage dat troch it Fries Museum brûkt wurdt foar eksposysjes en it jaan fan opdrachten. Op dat poadium moat romte bean wurde oan wurk en úterings dy't yn de besteande ferhâldings net of temin oan bar komme. Wy tinke dêrby oan wikseljende útstallings: wurk fan oankommend talint of wurk keppele oan in tema of technyk en by foarkar gearstald troch in gast-konservator. Op dat poadium moat ek romte wêze foar foarmjouwing.

Wy sille de komparanten yn it sintrum ek de suggestje foarlizze in saneamd gast-atelier yn yn syn aktiviteiten op te nimmen. Soks mei it doel om ta útwikseling fan keunstners om ústens en hjir wenjende en wurkjende keunstners te kommen.

Hoewol't de boukeunst strikt nommen bûten it ramt fan dizze nota falt, wolle wy om subsydzjetechnyske reden by it sintrum ek in budzjet dellizze foar de provinsjale aktiviteiten fan de St. Bouw/Kunst. Fan it aktiviteitbudzjet ad f 30.000.- fan it sintrum wolle wy op syn meast f 10.000.- útlûke foar besteande ("Nacht van de architectuur") en nije (provinsjale priis foar architektuer) provinsjale aktiviteiten fan de stifting. Soks op basis fan in oan ús foarlein mearjierreplan. Wy sille de trije komparanten yn it sintrum freegje hjir yn de opset in iepening foar te meitsjen.

It sintrum is ek it plak dêr't wy de troch ús útstelde yn dieltiid wurkjende konsulint-foarmjouwing en oan dizze funksjonaris taskikte taken (wy komme hjir op werom) meidertiid ûnderbringe wolle.

Wy binne fan betinken dat, sjoen de reitsflakken yn it wurk en it leechdrompelige karakter

dêrfan, de SBK en Keunstwurk it sintrum drage moatte. Foar it hawwen en hâlden fan draachflak yn de Fryske keunstnerswrâld moat sawol yn de opset as yn de útwurking dêrfan ek romte wêze foar ynbring fan de organisearre keunstners yn ús provinsje: it Platform Vakorganisaasjes Beeldende Kunst Friesland.

It leit net yn ús bedoeling de trije komparanten yn it sintrum ûnderhearrich te meitsjen oan it Fries Museum of dêr it hûs mei trije doarren fan te meitsjen. Sawol de SBK as de stipefunksjes byldzjende keunst en foarmjouwing moatte yn de nije ferhâldings fan it sintrum de ferantwurdlikens foar it eigen wurk hâlde. Soks mei de opsje taken mienskiplik te dwaan dêr't soks mooglik en winsklik is. Wy tinke dêrby neist de administraasje, de dokumintaasje en de bemiddeling en it jaan fan foarljochting, ek oan gearwurking yn it meitsjen fan eksposysjes en it koördinearjen fan edukative taken. Lêstneamde op basis fan it troch ús útstelde mienskiplike plan fan it sintrum en it Fries Museum.

Oan de oare kant binne wy fan betinken dat de museale taak fan de ôfdieling moderne keunst fan it Fries Museum, om it karakter en de funksje fan de iepenbiere kolleksje, strikt skieden bliuwe moat fan it brede draachflak dat it wurk fan de komparanten yn it sintrum yn de Fryske keunstnerswrâld nedich hat.

It sintrum ûnderbrocht yn romten by it Fries Museum hoecht soks net yn de wei te stean neffens ús betinken. Krekt oarsom. It biedt in goede opsje foar it byelkoar bringen fan oan elkoar besibbe foarsjennings op in foar it publyk - werkenbere en tagonklike - gaadlike mienskiplike lokaasje. Soks komt ek de gearwurking yn de fasilitêre sfear te'n goede.

Op dit stuit binne Keunstwurk en de St. Beeldende Kunst dwaande útstellen oangeande de opset foar it Sintrum Byldzjende Keunst op papier te setten. Wy sille de neiere útstellen hifkje oan de hjirboppe neamde aspekten.

4.2 Budzjetten ynsidintele aktiviteiten.

Op basis fan in jierliks makke ferdielplan waarden yn de achterlizzende beliedsperioade fan de ryksbydrage budzjetten beskikber steld foar it stypjen fan monumintale opdrachten foar wurk yn iepenbier tagonklike romten, presintaasjes en projekten, publikaasjes en de regeling foar partijere oankeapen, de ASK. De budzjetten foar presintaasjes en publikaasjes steane fanôf 1993 ek iepen foar aktiviteiten op it mêd fan foarmjouwing.

Wy rinne de ûnderfinings mei de ûnderskate budzjetten bylâns.

4.2.1 Monumintale opdrachten:

Yn it ramt fan ferskowings yn de middels anneks mei de nijbou fan it Fries Museum en de neiere ynfolling fan de ôfdieling moderne keunst, waard it oant 1993 beskikbere budzjet fan f 135.000.- werombracht ta it budzjet fan f 60.000.- fan no. Fan dat budzjet stipet de provinsje opdrachtjouwers yn it útfieren fan monumintaal wurk dat ornearre is foar publyk tagonklike iepenbiere romten. Subsidiabel binne de honorariumkosten fan de keunstner ta op syn meast f10.000.-. Fan it budzjet stelt de provinsje ek fergoedings (f 1.000.- it ûntwerp) beskikber foar it meitsje litten fan op syn meast trije ûntwerpen.

Dizze fêste fergoeding waard fanôf de oanrin hanthavene; de standerbydrage stiet meastentiids yn gjin ferhâlding ta it wurk dat dêr foaroer stiet.

*** Belied:**

Wy wolle it subsydzje foar sketsûntwerpen dêrom op f 1.500.- bringe. Wy binne dêrneist fan betinken dat de keunstners/foarmjouwers sels by harren opdrachtjouwers oanstean moatte op ridlike fergoedings foar makke unika, skaalmodellen of oarsoartige ûntwerpen.

It budzjet foar monumintaal wurk komt benammen te'n goede oan gemeenten mei belied op it mêd fan byldzjende keunst en gemeenten mei programma's yn doarpen yn de gemeente, al of net yn it ramt fan de doarpsferniijing of de werstrukturearring fan iepenbiere romten, monumintaal wurk te pleatsen. Soks meast yn oerlis mei of op inisjatyf fan ferienings fan doarpsbelang. It giet yn dizze ornaris om wurk dat net de lêste ûntjouwings of streamingen yn de byldzjende keunst folget. Der binne lykwols langer wat mear gemeenten dy't datoangeande mear risiko's doarre te nimmen troch mear romte te jaan oan keunstners it ûnderwerp fan de opdracht neffens eigen ynsichten en benadering út te wurkjen. In tal gruttere projekten fan gemeenten, lykas yn it ramt fan de werynrjochting fan de binnenstêd fan Dokkum e.o., lizze in grut beslach op it budzjet. Fierders meitsje kulturele stiftingen en oar pleatslik inisjatyf gebrûk fan it budzjet. De belangstelling fan ynstellings en organisaasjes yn de publike sektor lykas wenningbouferienings, ynstellings yn de soarch en it bedriuwslibben foar de beane mooglikheden is beheind. Partikulieren waarden oant no ta fan stipe foar it meitsje litten fan monumintaal wurk útsluten.

*** Belied:**

Wy wolle de mooglikheden foar partikulieren ferromje, benammen as it giet om inisjativen mei in foarbyldfunksje yn sektoaren dêr't it jaan fan opdrachten temin bart. Mar wy hâlde fêst oan it betingst dat it wurk pleatst wurde moat yn in foar publyk frij tagonklike iepenbiere romte.

Wy binne fan betinken dat der mear omtinken komme moat foar de akwisytsje fan opdrachten; benammen yn de publike sektoaren fan it bedriuwslibben yn ús provinsje.

Om it ferskaat yn monumintaal wurk út te wreidzjen kinne sûnt 1994 ek keunstners út Drinthe en Grinslân foar opdrachten yn de beneaming komme en oarsom. Soks hat net in libben grinsferkear oer en wer opsmiten lykwols. It ynskeakeljen fan keunstners út de beide oare provinsjes yn it jaan fan opdrachten yn ús provinsje bart ynsidinteel. Soks hinget net allinne gear mei ferskillen yn de wurkwize oangeande de besteging fan de eigen middels yn de trije provinsjes, mar ek mei it meien fan artistike risiko's troch opdrachtjouwers en it dêrmei gearhingjende weromfallen op de, yn Fryske ferhâldings, meast bekende nammen. Wy wolle it ferskaat yn monumintaal wurk befoarderje troch it proteksjonisme yn Noardlik ferbân los te litten. Opdrachtjouwers fan monumintaal wurk dy't in keunstners fan bûten de Noardlike regio ynsette wolle moatte dêrom net langer fan de subsydzjemooglikheden fan de provinsje útsluten wurde.

*** Belied:**

Neist it keppeljen fan de dokumintaasjebestannen yn it Noarden, wolle wy de mooglikheden keunstners fan bûten de provinsje yn te skeakeljen fierder ferromje. Wy wolle dêrom

opdrachtjouwers yn ús provinsje fan monumintaal wurk makke troch keunstners fan bûten de Noardlike regio ek foar subsydzje yn de beneaming komme litte.

de

Op útstel fan de Provinsjale Advyskommisje waard in tal jierren tebek besluten net allinne it troch/opdrachtjouwer keazen ûntwerp, mar alle yn it foartrajekt stipe sketsûntwerpen (ornaris/ trije) foar te lizzen as it giet om subsydzje yn de útfieringskosten. Soks om tefoaren te kommen dat ûntwerpen dy't better ferstjinje bûten beskôging bliuwe. Dizze prosedure makket it foar de opdrachtjouwer mooglik it al of net beskikbere subsydzje yn syn ôfwaging mei te nimmen.

Oan subsydzje foar sketsûntwerpen waard it betingst keppele dat út de makke kar fan ynskeakele keunstners it nedige ferskaat yn wurkwize en/of keunstopfetting bliken dwaan moat.

*** Belied:**

Yn it ramt fan ús stribjen it tapassen fan de ûnderskate úterings op it mêd fan de foarmjouwing te stimulearjen, wolle wy it budzjet foar opdrachten ek iepenstelle foar opdrachten op dat mêd. As it giet om in kommersjele prosesmjittige tapassing wolle wy it subsydzje beheine ta de standerbydrage fan f 1.500.- foar it makke ûntwerp of prototype. De kosten fan it yn produksje nimmen fan in ûntwerp komme foar rekken fan de opdrachtjouwer. Yn oare tapassings dêr't sprake is fan unika wolle wy inisjativen op it mêd fan de foarmjouwing op deselde foet behannelje as monumintaal wurk.

Utwreiding fan de mooglikheden fan it besteande budzjet mei opdrachten op it mêd fan foarmjouwing en it ferheegjen fan de fergoedings foar ûntwerpen, makket it nedich it budzjet foar opdrachten omheech te bringen. Wy sille yn 1999 it budzjet fan de ryksbydrage op it âlde nivo fan 1993 werombringe: f 135.000.-. Mocht der oanlieding ta wêze dat bedrach nei ûnderen of nei boppen ta by te stellen, dan kin soks yn it ramt fan it nijmakke ferdielplan nei 1999.

4.2.2 Manifestaasjes en projekten:

Yn it ramt fan de nota fan 1993 waard foar it mooglik meitsjen fan manifestaasjes en projekten op it mêd fan de byldzjende keunst in budzjet fan f 50.000.- útlutsen. Yn 1997 werombrocht ta f 40.000.-. It budzjet is benammen ornearre foar ynsidintele projekten en manifestaasjes dy't bûten subsydzjemooglikheden foar oankeapen en opdrachten falle. Sûnt 1994 stiet dit budzjet ek iepen foar aktiviteiten op it mêd fan de foarmjouwing.

Inisjativen op dat mêd, lykas "Friesland buitendijks", "Kunst in eigen dorp", "Kunst op Toutenburg" hawwe yn it budzjet meiparte. Fierders docht út de praktyk fan de ôfrûne jierren bliken dat it budzjet te'n goede komt oan in grienmank fan inisjativen dy't anneks binne mei eksposysjes, presintaasjes, pleatslike of regionale atelier-, keunst- en bylderûtes al of nê't yn it ramt fan it kultuertoerisme. Inisjativen dy't benammen bydrage oan de sprieding fan aktiviteiten oer de provinsje. Lykas "Kunst aan de " Luts" en "Kunst aan Huis" yn it Lauwersmargebied en "Honderd schilders op Ameland".

Foar it oare wurdt it budzjet ek brûkt foar it stypjen fan it meidwaan fan galery's (Gallery Art Show yn Grins en de Kunstrai bygls.), keunstners yndividueel of yn groepsferbân oan eksposysjes of presintaasjes yn de provinsje al of om ústens en al of net yn it ramt fan

útwikselingen.

Hoewol't de belangstelling foar it budzjet út de hoeke fan de foarmjouwing tanimt (meast foar ûntwerpen grafyske foarmjouwing), kin it oanpart bestege oan de dissiplines op dat mêd gjin sprekken lije. Ut en troch wurde presintaasjes fan keramisten, yllustratoaren en oare mear ambachtlike dissiplines út it budzjet subsidiearre. Yn dit ferbân moat it inisjatyf fan de firma Tichelaar ûntwerpers/keramisten te beheljen yn syn jubileumprojekt "Actie-Reactie" neamd wurde.

Aktiviteiten dy't fan jier op jier hâlden wurde rinne tsjin de beheining fan it budzjet oan dat foar it stypjen fan ynsidintele projekten ornearre is. Jierliks weromkommende aktiviteiten komme oer in tiidrek fan fiif jier op syn meast trijeris foar subdyzje fan de provinsje yn de beneaming. Wy wolle oan dizze beheining fêsthâlde.

Om't benammen de St.Bouw/Kunst dêr de dupe fan wurde soe (jildt benammen de jier op jier hâlden "Nacht van de Architectuur") hawwe wy foar it jaan fan strukturele stipe oan de aktiviteiten fan de stifting mei in provinsjaal karakter de hjirboppe neamde oplossing oanjûn binnen it sintrum byldzjende keunst en foarmjouwing.

*** Belied:**

Wy binne fan betinken dat inisjativen mei lokale betsjutting nei it oprûken fan de provinsjale subdyzjemooglikheden foar rekken fan de oanbelangjende gemeenten komme moatte.

Struktureel subdyzje foar regionale manifestaasjes/presintaasjes yn en bûten de provinsje wize wy ôf. It útstelde budzjet foar presintaasjesubdyzjes stiet iepen foar it meidwaan fan keunstners - yndividueel of yn groepsferbân - oan eksposysjes om údens.

Wy wolle it budzjet foar ynsidintele projekten en manifestaasjes op it mêd fan de byldzjende keunst en foarmjouwing hanthavenje. It budzjet komt benammen oan eksposysjes en oare presintaasjes te'n goede dy't bûten de reguliere sirkwy's fan galery's en oare eksposysjeromten falle. It budzjet is wichtich as it giet om it honorearjen fan lokale en/of boppe gemeentlike inisjativen dy't de sprieding fan aktiviteiten oer de provinsje te'n goede komme.

Subdyzjemooglikheden foar it meidwaan oan presintaasjes/eksposysjes fan bestend wurk om údens fan galery's en keunstners falle yn 1999 bûten it budzjet. Soks yn ferbân mei it troch ús útstelde ôfsûnderlike budzjet foar it meidwaan fan de keunstners yn ús provinsje oan presintaasjes om údens en foar startende keunstners binnen de provinsje.

It budzjet foar ynsidintele manifestaasjes en projekten stiet yn prinsipe ek iepen foar inisjativen dy't de dy't oer de grinzen fan de beide konvenantgemeenten hinne rikke.

4.2.3 Publikaasjes:

It budzjet foar it jaan fan stipe oan it útbringen publikaasjes (no f 35.000.- op jierbasis) dy't ta doel hawwe by te dragen yn de beropspraktyk fan byldzjende keunstners foarsjocht yn in grut ferlet. Eksposysjeromten en galery's witte de wei goed te finen. Ek yndividuele keunstners ûnderkenne it belang fan goede promoasje foar harren wurk en binne wat langer wat mear ree dêr ek sels yn te yvestearjen.

It budzjet wurdt meast brûkt foar it útbringen fan katalogussen, de mear útwreide brosjures en oare mear kréative úterings yn gruttere oplagen dy't ta doel hawwe in grutter publyk te berikken. It ferlet datoangeande wurdt it measte field yn it gefal fan in hâlden eksposysje of it meidwaan oan in oare presintaasje yn of bûten de provinsje. Ut de praktyk komt nei foaren dat it meitsje litten fan nij dokumintaasjemateriaal foar guon keunstners al in sadanige hege ynvestearring is dat soks oanlieding is in berop te dwaan op it budzjet. Wy wolle dêr net op ta. It budzjet moat beskikber bliuwe foar de djoerdere publikaasjes dy't mear ynhâlde as simpele foubleden, affysjes en útnoegings. It moat gean om represintatyf en op it punt fan kwaliteit goed fersoarge publikaasjes. De beoardieling dêrfan bart oan de hân fan de offerte fan de printer.

Yn de besteande opset is subsydzje mooglik yn de helte fan de makke kosten ta op syn meast f 3.000.-. Foar de djoerdere útjeften is dat subsydzje in beskieden bydrage. Wy binne lykwols fan betinken dat sokke útjeften harren goed liene foar bydragen fan oare stipers. Oanfragen fan keunstners dy't earder foar stipe yn de beneaming kamen, wurde hifke oan de aktualiteit fan in nije publikaasje. As nije ûntjouwings yn it wurk dêr oanlieding ta jouwe kin in nije publikaasje foar subsydzje yn de beneaming komme.

Foar it budzjet kinne ek publikaasjes yn de beaming komme oer téma's dy't bydrage oan it klimaat foar de byldzjende keunst yn it algemien. Yn dat skift falle ek monografyen fan ferstoarne (Fryske) keunstners. Om't de ryksbydrage allinne oan yn libben keunstners te'n goede komme mei falle de útjeften oer libben en wurk fan ferstoarne keunstners bûten de mooglikheden fan it budzjet fan de ryksbydrage. Om't sokke publikaasjes net minder bydrage kinne oan it klimaat, wolle foar sokke útjeften en oare inisjativen dy't net yn de termen fan de ryksbydrage falle in foarsjenning meitsje fan eigen middels.

*** Belied:**

Lykas hjirboppe oanjûn binne wy net fan betinken dat it budzjet foar publikaasjes wol ferfalle kin nei't de digitalisearring en it keppeljen fan de dokumintaasjes yn it Noarden syn beslach krigen hat. Sjoen de beheinde dekking fan de nije visuële media kinne de âlde noch net mist wurde.

Wy sille dêrom de opset en it budzjet fierhinne op de besteande foet trochsette.

Yn de praktyk fan de besteging fan de budzjetten fan de ryksbydrage foar ynsidintele aktiviteiten komt net allinne nei foaren dat dizze yn 1997 te krap bemetten wiene, mar ek dat guon oanfragen tusken wâl en skip falle. It giet sawol om inisjativen dy't net oan de stelde betingsten fan de ryksbydrage foldogge, as om saken dy't net yn de termen fan de beskikbere budzjetten foar opdrachten of manifestaasjes en publikaasjes falle. Om hjir in mouwe oan te passen sille wy út eigen middels foar sokke inisjativen in budzjet fan f 25.000.- útlûke. Hjir út subsidiearre aktiviteiten sille op deselde foet hifke wurde as de aktiviteiten dy't ûnder it subsydzjerezjym fan de ryksbydrage falle.

4.2.4 Oankeapregeling partikulieren (ASK).

Oan it begjin fan de foarige beliedsperioade waard de eigen oankeapregeling foar partikulieren fan ús provinsje ynruile foar in ferlykbere mienskiplike regeling mei Drinthe en Grinslân. Soks yn it ramt fan de harmonisaasje fan it belied foar kultuer yn it Noarden. Doe kaam in ein oan it tapassen fan de regeling troch galery's om ústens

(benammen bûten de Noarlike regio) dy't mei Fryske keunstners yn see giene. Wat de ûnderfinings mei de mienskiplike Noardlike opset oanbelanget siet it probleem wat ús provinsje oanbelanget benammen yn it te beheinde budzjet. De jierliks fêststelde budzjetten wiene mar tarikkend foar it tapassen fan de regeling yn it earste healjier of koarter. It splitsen fan it bydzjet yn 1997 brocht in wat lykwichtiger ynset fan de middels oer it jier mei, mar it bea gjin oplossing foar it probleem fan it te beheinde budzjet.

Yn ús provinsje meie 22 galery's de ASK-regeling tapasse. Yn de besteging fan it budzjet oer 1996 (f80.000.-) waarden 312 wurken ferkocht mei stipe fan de ASK. 239 oankeapen fan Fryske keunstners, resp. 49 en 25 fan keunstners út Grinslân en Drinthe. Oankeapen fan keunstners út Drinthe en oarsom, is aardich yn it lykwicht. Om't Grinslân gjin sifers leverje kin datoangeande is ús net bekend hoe't dizze ferhâlding mei ús provinsje leit. Wat de ferdieling fan it subsydzje oer de keunstners yn ús provinsje oangiet, giet it yn trochsnee om wurk fan 75 Fryske keunstners.

Troch it út de hân rinnen fan it budzjet foar de ASK yn Grinslân waard besluten dizze provinsje te folgjen yn it werombringen fan it subsydzje. It moat gean om oankeapen fan op syn minst f 300.- oant op syn meast f 9.000.-; it subsydzje waard yn 1998 steld op 10% (wie 15%) ta op syn meast f500.- de oankeap (wie f 900.-). Om't Drinthe gjin kâns seach de beide oare provinsjes te folgjen hat dizze provinsje yn 1998 oan de âlde tariven fêsthâlden.

Neist it beskieden folume dat anneks is mei it oer en wer tapassen en it útelkoarrinnen fan de ASK yn Noarlik ferbân, kleve oan de praktyk fan de regeling oare beswieren dy't neffens ús oanlieding wêze moatte de regeling net langer te hanthavenjen. Yn it foarste plak is it budzjet fierstentebeheind om de regeling it hiele jier tapasse te kinnen. Boppedat hat it ûntstean fan in "stuwmeer" fan opgarre oankeapen in ûnlykwichtige besteging fan de middels oer it jier fan gefolgen. Dêrneist komt de besteande praktyk net allinne de ferkeap fan (minder aktueel) wurk út stock te'n goede, mar dizze bevestiget ek de ferkeap fan (tagonklik) wurk dat dêr net it measte ferlet fan hat. Foar it oare hat de besteande regionale opset fan de ASK-regeling it beswier dat de merk bûten de Noardlike trije provinsjes, foar de keunstners yn ús provinsje wyl sa wichtich is.

Boppedat binne wy fan betinken dat sa stadichoan it nedige wurk yn gjin ferhâlding stiet ta de nei ûnderen bystelde subsydzjebedraggen. It lak wurdt djoerder as de brief. Dêr komt by dat galery's der oer kleie dat op oankeapen fan wurk by de konkurrinsje al koarting mooglik is, wylst op wurk fan deselde keunstner yn de eigen galery dat net mooglik is om't it budzjet op is.

As wy dêrby yn oanmerking nimme dat de Noardlike gearwurking syn doel foarbysjit en harmonisaasje fan it belied oangeande de ASK net realistysk is, kieze wy leaver foar in oar beliedsynstrumint as it giet om it ferromjen fan de merk: in presintaasjesubsydzjeregeling foar galery's en oare eksposysjeromten om ústens dy't Fryske keunstners programmearje.

*** Belied:**

Wy sille de oankeapsubsydzjeregeling foar partikulieren - de ASK - mei yngong fan 1999 opdoeke en de provinsjes Drinthe en Grinslân datoangeande op de hichte bringe.

Dêrfoar yn it plak wolle wy de merk ferromje troch it beskikber stellen fan presintaasje-

subsydzjes foar it meidwaan fan de keunstners dy't yn ús provinsje wenje en wurkje oan (op ferkeap rjochte) eksposysjes, útwikselingen of oare presintaasjes bûten de provinsje. Sawol keunstners yndividuëel as keunstners yn groepsferbân komme foar subsydzje yn de frege dielnimmersbydrage of yn rekken brochte organisaasjekosten yn de beneaming.

Yn it gefal fan yndividuële dielname oan in presintaasje of in solo-eksposysje is 50% subsydzje mooglik yn de frege dielnimmersbydrage of yn rekken brochte organisaasjekosten ta op syn meast f 2.000.-. Yn it gefal fan oannimlik makke ekstra kosten (transport fan romtlik wurk en/of eksposysje yn it bûtenlân) kin de bydrage op syn meast ta f 3.000.- ferhege wurde.

Yn it gefal fan it meidwaan fan keunstners yn groepsferbân is it subsydzje op syn meast f 1.000.- de keunstner; it subsydzje is yn sokke gefallen beskikber foar de inisjatyfnimmer fan de groeps-presintaasje om útsens.

Ien en oar op betingst dat op publyk rjochte promoasje by de eksposysje/presintaasje garandearre is.

Wy steane in maklik te hantearjen regeling foar; foarearst troch Keunstwurk útfierd op basis fan de kosten no ferbûn it it wurk foar it útfieren fan de ASK-regeling.

Yn oerlis mei de Provinsjale Advyskommisje en Keunstwurk sille wy ien en oar neier útwurkje om ta in slutende opset fan de regeling te kommen.

De regeling wolle ek tapasse op akademyferlitters dy't (noch) net as beropsmjittich wurkjende keunstner ynskreaun waarden yn it dokumintaasjebestân fan Keunstwurk. De regeling stiet ek iepen foar de keunstners sûnder beropsoplieding dy't foldogge oan de betingsten dy't oan it opnimmen yn it dokumintaasjebestân fan Keunstwurk steld wurde.

4.3 De Provinsjale Advyskommisje.

Yn de nota fan 1993 waard de posysje fan de PAK-BK en de relaasje mei adviseurs fan treden - benammen de gemeenten - oan de oarder steld. Wy hawwe by neier ynsjen gjin ferlet fan it oerdragen fan taken fan ús adviseur oan adviseurs fan gemeenten en oare treden. De provinsje hâldt fêst oan it betingst fan de ryksbydrage dy't de provinsje hjit har yn de besteging fan de middels fan de ryksbydrage bystean te litten troch saakkundigen. De provinsje jout de foarkar oan it hifkjen fan de kwaliteit fan it wurk, om oan it hifkjen fan de kwaliteit fan de adviseurs fan treden te ûntkommen.

Dêrby komt dat lokale adviseurs ornaris it sicht misse dat foar it ynsetten fan provinsjemiddels nedich is.

De besteging fan de budzjetten foar ynsidintele aktiviteiten bart op basis fan ynhâldlike advizen fan de Provinsjale Advyskommisje. Ut en troch waard de kommisje frege mei in advys te kommen oer beliedssaken; lykas yn it gefal wie oangeande it te fieren belied op it stik fan de foarmjouwing.

De leden fan de Provinsjale Advyskommisje Byldzjende Keunst en Foarmjouwing wurde foar fjouwer jier beneamd en kinne foar nochris fjouwer jier ynhierd wurde. Wy wolle oan dizze praktyk fêsthâlde. Neist wikselingen fan leden tuskentiids is de ynbring fan farsk bloed genôch garandearre, neffens ús betinken. Om rekken te hâlden mei ûntjouwings yn it ryksbelied foar de foarmjouwing hawwe wy yn 1994 in lid fan de kommisje

mei spesifike saakkundigens op dat mêd beneamd. Soks is net sûnder gefolgen bleaun, lykas út it neifolgjende haadstik bliken docht.

Haadstik 5: It provinsjale belied en foarmjouwing

Yn de ôfrûne beliedsperioade hat Keunstwurk, lykoprinne mei it ryksbelied, in begjin makke mei de ynfolling fan de stipefunksjes foar foarmjouwing. As earste waard in ynventarisasaasje makke fan yn ús provinsje wenjende en wurkjende foarmjouwers. It giet op dit stuit om in bestân fan likernôch 50 foarmjouwers; foar it grutste part grafyske ûntwerpers. Foar it oare giet it om ûntwerpers en ambachtlike foarmjouwers dy't harren yn harren beropspraktyk ek útlizze op tapaste keunst, yndustriële foarmjouwing en ambachtlike dissiplines al of net yn opdrachtssituaasjes.

Yn de útfierende sfear hat Keunstwurk al it ien oar op it nije beliedsfjild op priemmen setten. Yn it foarste plak hat Keunstwurk in bestân makke fan ûntwerpers en foarmjouwers en de dêr oankeppelde taken dy't de ynstelling ek docht op it mêd fan de byldzjende keunst. Under de flerken fan Keunstwurk ferskynt it periodyk "Praktikabel" dat him beânammen op de frije foarmjouwing en de tapaste keunsten útleit. Fierder hat de selde ynstelling ek behelle west yn it meitsjen fan in eksposysje fan yllustratoaren, it organisearjen fan in workshop yn Ljouwert oangeande de foarmjouwing yn de iepenbiere romte. Yn de útfierende sfear wie Keunstwurk behelle yn de foarmjouwing fan de we-rynrychting fan de binnenstêd fan Dokkum.

Wat it ynsetten fan de budzjetten fan de ryksbydrage foar de dissiplines binnen de foarmjouwing oanbelanget, is it brûken fan dizze middels nei it iepenstellen fan de provinsjale budzjetten fan de ryksbydrage foar foarmjouwing gjin libbene praktyk. De besteging fan dizze middels foar de ûnderskate dissiplines is ûnder de noarm fan it ryk fan 5% bleaun. Hoewol't it tal oanfragen op dat mêd de lêste jierren tanommen is (beânammen grafyske foarmjouwing), jouwe de oanfragen gjin bliken fan in breed ferskaat yn it tapassen fan foarmjouwing yn allerhande sektoaren dy't dêrfoar yn beânaming komme.

Foar it andert op de fraach hoe't it lân der yn ús provinsje hinne leit as it giet om it plak foar foarmjouwing yn ús provinsje en de fraach hokker kant it mei it belied fan de provinsje út moat, hawwe wy oan de provinsjale Advyskommisje Byldzjende Keunst en Foarmjouwing foarlein.

De komisje hat yn syn advys in tal útstellen foarlein oangeande de neiere ynfolling fan it provinsjale belied op it mêd fan de foarmjouwing. Ut it advys docht bliken dat de komisje him breed oriëntearre hat. Yn de útstellen komt net allinne in breed skala fan dissiplines oan de oarder, mar tagelyk wurde dêrby de tapassingsmooglikheden en it potinsjeel oan opdrachtjouwers yn sawol it bedriuwslibben as dêr bûten yn de útstellen meinommen.

It giet om de neifolgjende oanbefellings:

- It provinsjale belied moat him net rjochtsje op ien of inkele dissiplines of tapassings fan foarmjouwing mar op it hiele skala oan dissiplines;
- yntegraasje fan foarmjouwing yn de dokumintaasjes foar byldzjende keunst yn Noardlik ferbân;
- it opsetten fan praktyk/foarbyldprojekten yn in jierliks wikseljende branche en it dêrfoar ynhieren fan spesifike saakkundigens;
- it ynstellen fan in provinsjale priis foar foarmjouwing;

- it provinsjale belied oangeande de foarmjouwing in sadanige oanset te jaan dat it oare meifinansiers oanlûkt.

Wy hawwe ús ôffrege oft de provinsje yn dizze net tefolle hea op fuarke nimt en wy net better kieze kinne foar in beskieden oanpak troch it belied te beheinen ta in tal dissiplines en tapassingsmooglikheden fan foarmjouwing.

Dat wy hjir net foar keazen hawwe hinget net allinne gear mei it belang fan it jaan fan ympulsen oan de ûnderskate mooglikheden foarmjouwing yn de praktyk te bringen, mar ek mei it útstel hjir op yn te spyljen troch it jier wikseljende foarbyldprojekten datoangeande fan de grûn te tillen. In oanpak dy't wy folchje wolle.

Wy kinne ek meigean yn de konklúzje dat it klimaat en de foarsjennings op it mêd fan de foarmjouwing yn ús provinsje ûnder de mjitte binne. It jaan fan ympulsen oan de yntegraasje fan foarmjouwing yn sawol it belied fan de provinsje as oare potinsjele stipers komt in hege prioriteit ta. Wy lûke dêr foar ússels de konklúzje út dat de provinsje it foartou nimme moat. Wy wolle dêrom in "ynhaalslach" meitsje yn it ferbetterjen fan de ynfrastuktuer foar foarmjouwing.

*** Belied:**

Oanfoljend op de lanlike databank fan it Vormgevingsinstituut, sille wy yn produktbegrutting fan Keunstwurk (en meidertiid yn it sintrum byldzjende keunst en foarmjouwing) en de Noardlike gearwurking de dokumintaasje op it mêd fan de foarmjouwing meinimme.

Wy tekenje hjir lykwols by oan dat de provinsje sels al wol bliken jûn hat each te hawwen foar it belang fan foarmjouwing. Wy tinke yn dit ferbân oan de foarmjouwing fan publikaasjes fan de provinsje, de estetyse kant fan doarpsútwreidings en wynmûneparken. Om de beide lêstneamde tapassingsmooglikheden fan foarmjouwing net út te sluten, wolle wy - neist de neamde dissiplines - ek romtlike foarmjouwing en - foarmjouwers yn it belied meinimme.

Ut de eigen ûnderfinings mei it yn de praktyk bringen fan foarmjouwing yn de beide lêstneamde gefallen oangiet, moatte wy konkludearje dat it tapassen fan foarmjouwing hingjen bleaun is yn it meitsjen fan oansetten en/of it meitsjen fan ûntwerpen. Itselde jildt bygelyks foar de ynbring fan in grafysk ûntwerper yn de foarmjouwing fan de twadde rige Fryske klassikers.

Praktykfoarbylden dy't net allinne friksje tusken de ekonomyske en praktyske beheining oan de iene - en de artistike mooglikheden fan foarmjouwing oan de oare kant sjen litte, mar ek it belang fan op de praktyk rjochte ynbring fan foar de branche spesifike saakkundigens.

*** Belied:**

Wy stelle ús op it stânpunt dat it op de wei fan hjir wenjende en wurkjende ûntwerpers sels leit fan besteande lanlike foarsjennings as applikaasjekursussen gebrûk te meitsjen, dy't ta doel hawwe fraach en aanbod better op elkoar ôf te stimmen. oar de foarmjouwing te beheljen. Sjoen it beskieden potinsjeel en ferskaat yn de dissiplines wolle wy mooglikheden iepenhâlde ek foarmjouwers/ûntwerpers fan bûten de provinsje yn te skeakeljen. Soks kin benammen fan pas komme as it giet om it ynskeakeljen fan spesifike saakkundigens yn de romtlike foarmjouwing en yn de útstelde foarbyldprojekten.

Wy binne fan betinken dat ekstra omtinken foar it tapassen fan foarmjouwing net allinne in goede bydrage leverje kin oan it klimaat fan wenjen en wurkjen en de útstieling fan ús provinsje nei bûten ta, mar benammen ek ympulsen jaan kin oan it tapassen fan foarmjouwing yn it bedriuwslibben.

** Belied:*

Om potinsjele opdrachtjouwers waarm te meitsjen foar it tapassen goede foarmjouwing en it ekonomyske belang dêrfan nimme wy it útstel fan ús advyskommisje oer in provinsjale priis foar de foarmjouwing yn it libben te roppen. De priis moat te'n goede komme oan en de opdrachtjouwer en de foarmjouwer. It giet yn dizze om it yn it sintsje setten fan in slagge gearwurking tusken beide. Sjoen de ûnderfinings mei sa'n priis yn Gelderlân kin folstien wurde mei it takennen fan de priis ienris yn de twa jier en it akseptearjen fan oanmeldings yn alle dissiplines dy't ûnder foarmjouwing falle. Wy wolle dizze priis kombinearje mei de provinsjale priis foar architektuer dy't de St.Bouw/Kunst foar eagen stiet.

Foar de finansiering fan de beide prizen tinke wy oan in kombinaasje fan middels foar de ekonomyske struktuerferbettering (Fûns SEB) en fan de ryksbydrage.

Wy binne fan betinken dat it organisearjen fan praktykfoarbylden foar foarmjouwers en potinsjele opdrachtjouwers in goede ympuls jaan kin oan sawol it ferbetterjen fan it oanbod as de fraach nei foarmjouwing. Foar it mooglikmeitsjen fan dizze projekten sille wy middels útlûke.

Foar it oanlûken fan de dêrfoar nedige spesifike saakkundigens sille wy ek middels foar in krêft fan 2,5 dei beskikberstelle. Soks ynearsten ûnder de flerken fan de St. Keunstwurk, meidertiid ûnderbrocht yn it nije Sintrum Byldzjende Keunst en Foarmjouwing. De krêft moat net allinne ynset wurde foar it opsetten fan de praktykprojekten mar hy/sy moat ek inisjatyfnimmers/opdrachtjouwers sykje en begeliede dy't in ûntwerper/foarmjouwer ynскеakelje wolle. Wy tinke yn dit ferbân oan bygelyks it werynrjochtsjen fan iepenbiere romten yn it ramt fan it lytse kearnenbelied en de doarpsfernijing, mar ek oan it tapassen fan oare-prosesmjittich tapaste - úterings fan foarmjouwing. Yn it lêstneamde gefal sille ek ynскеakele bedriuwen byspringe moatte.

De konsulint moat fertroud wêze mei it yn praktykbringen fan foarmjouwing yn de ûnderskate dissiplines en harren (ekonomyske) beheiningen en mooglikheden.

Wy hawwe yn dat ramt de neifolgjende taken op it each:

- It jaan fan ynformaasje en foarljochting mei gebrûk fan de databank fan it Vormgevingsinstituut en in eventuele provinsjale oanfolling;
- it op de hichte kommen en bliuwen fan plannen/aktiviteiten dy't harren liene foar it tapassen fan foarmjouwing;
- it begelieden fan besteande inisjativen op it mêd fan de foarmjouwing;
- it opsetten fan jierliks wikseljende praktykprojekten foar foarmjouwers en potinsjele opdrachtjouwers yn en bûten it bedriuwslibben;
- it aktivearjen fan potinsjele opdrachtjouwers yn it bedriuwslibben en de publike sektor; benammen de gemeenten (doarpsfernijing e.o.);

Haadstik 6: It nije belied en de finânsjes

Ta beslút fan de nota geane hjirby de finânsjele konsekwinsjes fan ús útstellen dy't wy yn it boppesteande foarlein hawwe. Wy sette de besteande beliedsynstruminten en middels yn 1996 foar de troch ús útstelde beljedsynstruminten en budzjetten yn 1999 oer. De budzjetten oanjûn mei (*) wurde betelle fan provinsjale middels yn it ramt fan de Ryksbydrage foar Byldzjende en Foarmjouwing. De beide posten anneks mei it oanlûken fan in konsulint-foarmjouwing - mei (**) oanjûn - wurde oer fjouwer dutsen út de ûnderbesteging yn de ryksbydrage oant 1997. Yn it oare gefal giet it om eigen middels fan de provinsje.

	Ald:	Nij:
St. Keunstwurk:		
Produktbegrutting 1996:		
Bemiddeling byldzjende keunst	f 335.422.-	
Eveneminten byldzjende keunst	f 82.315.-	
Advisearring en dokumintaasje	f 124.234.-	
Overhead oankeapregeling ASK	f 6.179.-	f 548.150.- (±)
Digitalisearring dokumintaasje (Ienmalich yn 1999)	---	f 40.000.-
St. Fries Museum:		
Eksploitaasje ôfdieling moderne keunst	f 275.000.-	f 275.000.-
Oankeapbelied	f 100.000.-*	f 100.000.-*
Eksposysjeblied	f 100.000.-*	f 100.000.-*
Brûklien provinsjale kolleksje	---	PM
St. SBK Kunstutleen:		
Lienfergoedings keunstners	f 200.000.-*	f 200.000.-*
Eksploitaasje	f 67.000.-*	---
Sintrum Byldzjende keunst en Foarmjouwing:		
Friksjekosten komparanten	---	PM
Konsulint foarmjouwing (0,5 fte)	---	f 60.000.**
Overhead kons. foarmjouwing	---	f 15.000.-**
Overhead Platform	---	f 5.000.-

Aktiviteiten:

Poadium Fryske keunstners	- -.-	f 100.000.-*
Praktykprojekten foarmjouwing	- -.-	f 65.000.-
Priis foarmjouwing, gast-atelier, aktiviteiten St. Bouwkunst	- -.-	f 30.000.-

Ynsidintele bydragen:

Opdrachten byldzjende keunst en foarmjouwing	f 65.000.-*	f 135.000.-*
Presintaasjesubsydzjes	- -.-	f 80.000.-*
Projekten/manifestaasjes	f 40.000.-*	f 50.000.-*
Publikaasjes	f 48.000.-*	f 35.000.-*
ASK	f 80.000.-*	- -.-
Aktiviteiten ferskaat	- -.-	f 25.000.-
Overhead Prov. Adv. kommisje	f 15.000.-*	f 15.000.-*

Ljouwert, april 1998

Tejmanni
1999
Provinsje
Fryslân

Provinsjale Omropnotysje

Inlieding¹

Op fersyk fan 'e Steatekommisje Wolwêzen wurdt yn dizze notysje in gearfetting jûn fan 'e ûntwikkelings op it mêd fan 'e regionale radio- en televyzje-omrop yn Fryslân. Dêrneist wurdt yngien op 'e taken en ferantwurdlikheden fan 'e provinsje op it mêd fan 'e regionale omrop. Boppedat wurdt ynsjoch jûn yn wat de provinsje dien hat en mooglik noch dwaan kin of neilitte moat. Ta beslút wurdt de ferbining oanjûn mei oare provinsjale beliedsûnderdielen.

Foarskiednis Omrop Fryslân

Op 29 juny 1988 beslute Provinsjale Steaten regionale radio-omrop yn Fryslân mooglik te meitsjen troch yn perioaden fan fiif jier in provinsjale bydrage (maksimaal fl. 10.--) te heffen op 'e lanlike omropbydrage. Yn 1994 begjint it eksperimint mei de Fryske regionale televyzje. Nei't him troch de opstelling fan it ministearje fan OC en W en de Twadde Keamer yn 1996 benammen foar regionale televyzje in dúdliker takomstbyld ôftekenet (nei de opkearende ûntjouwings om de 'finsterprogrammearring' hinne) is yn 1997 ek wer foar perioaden fan fiif jier in strukturele finansieringsbasis foar regionale televyzje op regionaal nivo fûn troch nochris wer in provinsjale bydrage (maksimaal fl. 10.--) op 'e lanlike omropbydrage te heffen.

Dat stelt Omrop Fryslân yn 'e gelegenheid om it eksperimint mei regionale televyzje, dat op 1 januari 1997 ôfrûn, linich oerrinne te litten yn in definitive opset. Der ûntstiet dan in mediabedriuw mei neist regionale publike radio en televyzje ek in lanlik Frysk programma produsearre yn opdracht fan 'e NOS mei dêrby edukative programma's foar radio én televyzje foar de basisskoallen en it fuortset ûnderwiis.

De finansiering fan skoallradio en skoalletelevyzje bart streekrjocht troch it Ministearje. Foar de bekostiging fan 'e Fryske (sneins)programma's op it lanlike net is de Provinsje ek net ferantwurdlik, mar de NOS, as gefolch fan 'e lanlike omroptaak oangeande it Frysk as Twadde Rykstaal. Nammers, sûnder de yntinsive inisjearjende rol fan 'e provinsje soe der neat fan op 'e hispel kommen wêze. It Provinsjaal bestjoer bemuoit him no allinne mar mei de reguliere regionale radio- en televyzjeprogramma's. Provinsjale Steaten kinne in heffing op 'e Omropbydrage lizze fan maksimaal f 10,- yn 't jier en moatte har foar it Kommissariaat foar de Media oerkrekt as by radio- ferantwurdlik stelle foar de 'bekostiging'. Dêrfoar is in skriftlike ferklearring nedich as betingst foar it ferlienen fan 'e stjoermachtiging.

Yn it ramt fan 'e beslútfoarming oer it finsterplan hawwe Provinsjale Steaten har unanym útsprutsen foar it heffen fan tsien gûne.

Steatssekretaris Nuis ferklearret dat er de provinsjale bydrage wol 'matche' wol, mei in selde bedrach út 'e lanlike omropmiddels. (Brief d.d. 28 augustus 1996 oangeande ûntjouwings op it mêd fan 'e regionale televyzje, Keamerstik 23 968 nû.20). Dat jildt

nammers ek foar provinsjale bydragen út de eigen begrutting, dus los fan 'e provinsjale heffing, sa docht bliken yn it wiidweidich oerlis fan 'e Keamerkommisje mei de Steatssekretaris op 6 septimber 1996. Boppedat jout er in ekstra taslach foar omroppen yn tin befolke gebieten. Ut de brief oan 'e Keamer docht fierder bliken dat as krusjaal betingst jildt dat der dúdlikheid is oer:

- De distribúsje fan programma's;
- It Steatebeslút foar in provinsjale heffing;
- De wize fan gearwurkjen tusken lanlike en regionale omrop, programmatysk en organisatoarysk;
- De te meitsjen ôfspraken oer it integrearjen fan it belied fan 'e beide reklamemaatskippijen fan 'e lanlike en regionale omrop de STER en de ORN; en
- Hoe't men binnen de kritearia fan 'e Mediawet bliuwt wat de publike/private gearwurking oangiet.

De needsaaklike wetswizigings om it útstelde finansieringssysteem te realisearjen binne yn 'e hjerst fan 1996 yn prosedure brocht. Yn it bilaterale oerlis op 30 septimber 1996 tusken it Provinsjaal bestjoer, Omrop Fryslân en it ministearje fan OC en W is dúdlik makke dat benammen Fryslân net wachtsje kin op lange prosedures en ferlet hat fan in flugge beslútfoarming. As op 1 jannewaris 1997 de wetlike mooglikheid fan in provinsjale heffing noch net oanwêzich is, wol it ministearje de foarfinansiering op him nimme. Betingst dêrfoar is wol dat de Keamer op 5 septimber 1996 ynstimt mei de haadlinen fan 'e nije opset. Dat blykt unanym it gefal te wêzen. Fan dat stuit ôf stiet neat it struktureel ynfieren fan regionale televyzje yn Fryslân mear yn 'e wei.

Yn 'e begrutting 1996 hat Omrop Fryslân rekken hâlden mei de komst fan in 'finster' en de fergoeding dy't dêrby heart mei yngong fan 1 septimber 1996. Sjoen de stân fan saken ein 1995 by it opstellen fan 'e begrutting wie soks moai wis net te optimistysk. De begrutting is goedkard troch it provinsjaal bestjoer en it Kommissariaat foar de Media.

Troch de doe aktuele ûntjouwings - it net realisearjen fan 'e 'finster' programmearring - rekke Omrop Fryslân by in bedrach fan 1,2 miljoen gûne troch. Op 'e tiid - foar 1 septimber - is oan it provinsjaal bestjoer meidiel dat ûnder dy omstannichheden mei it rinnende eksperimint fuortdaliks ophâlden wurde moast, om in fierder oprinnend ferlies foar te kommen. Tegearre mei it ministearje fan OC en W is de konklúzje lutsen dat der stipe nedich is foar de omrop om de nije opset fan Regio TV überhaupt klear te krijen. Ek de Keamerkommisje is fan betinken dat Omrop Fryslân, sjoen de ferwachtings dy't oproppen binne op it stik fan 'e lanlike fasilitearring binnen it finsterplan, ek foar it boekjier 1996 stipe wurde moat troch provinsje én OC en W. Dat is úteinliks ek bard en mei troch in provinsjale bydrage foar ien kear fan fl. 600.000,- en in selde bydrage fan OC en W is yn finansjeel opsicht in nije start mooglik makke.

Op dit stuit stiet de regionale omrop yn Fryslân op 'enij foar in hichtepunt. It kommende jier sil de omrop ferhúzje nei it gebou fan 'e Sintrale Biblioteektsjinst oan 'e Zuiderkruisweg yn Ljouwert. Dêrtroch is de omrop by steat organisatoaryske

ferbetterings troch te fieren, efficiency-foardielen te beheljen en de technyske ynfrastruktuer te fersterkjen. De provinsje hat dy ferhuzing mei mooglik makke troch by te dragen út Europeeske struktuurfûnsen.

De Mediawet

Lanlik is in mediabelied formulearre op basis fan 'e Mediawet. Dy wet jout, al is it beheind, mooglikheden om op regionaal en pleatslik nivo belied te formulearjen. Dat is benammen yn jûn troch it idee, dat de legere oerheden ynfloed jilde litte kinne op 'e wize wêrop 't net-lanlike radio en televyzje har ûntploaie.

De provinsje hat - binnen it ramt fan 'e Mediawet - te krijen mei de publike regionale radio en televyzje. De printe media, de kommersjele omrop en de aktiviteiten op it mêd fan 'e kabel spylje har ôf bûten de direkte ynfloedssfeer fan 'e provinsje. De lokale omroppen komme op 'e noed fan 'e gemeenten.

De mooglikheden fan 'e provinsje om fanwegen de Mediawet belied te fieren binne lykwols beheind. De wet sjocht wol in wichtige taak foar it provinsjaal bestjoer weilein oangeande it rjocht fan bestean fan 'e - publike - regionale omrop. Dêr hat it provinsjaal bestjoer mear as ien kear posityf op reagearre. Dêrneist mei it Kommissariaat foar de Media pas stjoertiid tawize oan in publike regionale omrop nei't de provinsje advisearre hat oer de fraach oft de omrop foldocht oan de easken fan 'e wet. Dy geane oer rjochtspersoanlikheid, de statutêre doelstelling en de represintativiteit fan it orgaan fan 'e omrop dat it programmabelied bepaalt. Sa'n advys moat ien kear yn 'e fiif jier (en foar in selde perioade) útbrocht wurde, of bij ernstige twivel fan it kommissariaat - tuskentúids. De stjoertiid wurdt ek allinne tawiisd nei't it provinsjaal bestjoer ferklearre hat foar it bekostigjen fan 'e omrop noed te stean (kêst 43). De leden fan it hjirboppe bedoelde orgaan dat it programmabelied bepaalt - by Omrop Fryslân is dat de programma-advysried - wurde beneamd troch Deputearre Steaten, op foardracht fan 'e omrop (kêst 30). Wy fine de wize fan organisearjen fan it programmabelied in saak fan Omrop Fryslân. Wy sille wol neigean oft binnen it ramt bleaun wurdt fan 'e wetlike foarskriften.

De provinsje Fryslân hat mei sin keazen foar in folslein publike omrop. De troch steatssekretaris Nuis ynstelde kommisje Ververs hat de neikommende doelstelling foar de publike omrop formulearre.

"Het bedrijven van omroep zonder winstoogmerk en via een open kanaal waarbij het doel is om een objectieve, betrouwbare, integere, pluriforme en onafhankelijke bijdrage te leveren aan de cohesie binnen de maatschappij en zo te fungeren als referentiepunt in een altijd woelige samenleving. De publieke omroep doet dit door maatschappelijk relevante onderwerpen aan te snijden, door initiatief te nemen voor vernieuwingen, door cultuur uit te dragen en door te fungeren als platform voor meningen en uitingen, zodat een evenwichtig beeld van de samenleving wordt gegeven".

De taken fan in publike omrop kinne yn syn algemienens sa oanjûn wurde.

"Het uitdragen van nieuws en achtergrondinformatie over de samenleving in al haar veelszijdigheid, zodat elke burger de gelegenheid heeft zich daarop voldoende te oriënteren, ook indien hij of zij niet in de gelegenheid is zich uitvoerig op de hoogte te stellen van het overvloedige aanbod van meer gespecialiseerde informatie."

De oerheid moat oan 'e iene kant de needsaaklike rânebetingsten skeppe foar it funksjonearjen fan 'e publike omrop en produksjes, mar tagelyk sa min mooglik streekrjocht belutsen wêze by de ynhâldlike sjoernalistike programmearring. Yn 'e Mediawet binne dêrfoar regels steld.

Provinsjale Opsinten Omropbydrage

Mei it each op it bekostigjen fan 'e regionale omrop kinne Provinsjale Steaten opsinten heffe op 'e omropbydrage, sawol foar radio as foar televyzje (kêsten IIIa en IIIb fan 'e Mediawet). Yn beide gefallen is it maksimum fan dy heffing fl 10,- yn 't jier. Dêr't yn in provinsje de maksimale radio-opslach net genôch is om de kosten fan it radioprogramma te dekken, kin it Kommissariaat foar de Media in (oanfoljende) fergoeding oan 'e provinsje jaan (kêst 107a).

Yn 'e praktijk is dy fergoeding gelyk oan it ferskil tusken it alle jierren troch it kommissariaat fêst te stellen noarmbedrach foar regionale radio en de opbringst fan 'e radio-opslach. Likegoed hawwe de radio-omroppen te min middels en hawwe oan it IPO en it Ryk frege om ferheging fan it saneamde 'radio-tientsje'. Fan 1988 ôf is dat bedrach net omheech gien, mar de kosten wol. Us kolleezje hat yn IPO-ferbân in ferheging ôfwiisd om de lêsten fan 'e boarger net te ferheegjen. Foar Omrop Fryslân en oare stjoermachtigingshâlders yn rurale gebieten is in ferheging fan it 'radio-tientsje' fan dy gefolgen dat de lanlike tafoege bydrage foar regionale omroppen mei itselde bedrach ferlege wurdt. Ferheging jout Omrop Fryslân finansjeel dan ek neat. De kosten fan 'e radio drukke swier op 'e omrop en om dy reden wurdt nei oare mooglikheden socht. Yn it oerlis tusken it gearwurkingsorgaan foar regionale omroppen (ROOS), it IPO en OC en W is men no fan doel om it noarmbedrach foar de rijksbydrage te ferheegjen. Ien en oar net troch middel fan in generike maatregel, mar troch in foar elke regionale omrop fêst te stellen bedrach. As dat net realisearre wurdt, komt der in tekoart by de radio-omrop Fryslân fan fl. 697.000 yn 1999 oant fl. 1.410.237 yn 2002.

In oanslach op 'e begrutting is ek it foarnimmen fan de Dienst Omroep Bijdragen om 4.55 % ynbarkosten op 'e regionale taslaggen fan 'e omropbydragen te heffen. It IPO, Roos en de regionale omroppen fersette har dêrtsjin. De provinsje Fryslan hat ek formeel beswier oantekene.

Foar regionale televyzje jildt oant en mei 2001 in tydlike regeling dy't praktysk net sa folle oars is as dy foar radio. Allinne wurdt de oanfoljende fergoeding net fêststeld op basis fan in noarmbedrach, mar oan 'e hân fan mjitwurk. Dêrfoar is yn 1997 in mearjierrebegrutting opsteld dy't spesjaal foar Fryslân jildt en dêr't mei it Ministearje fan OC en W oerienstimming oer berikt is. Alderearst wurdt it bedrach dat ynbard wurdt fia de omropbydrage troch it ministearje ferdûbele ('matching'). It oerbliuwende tekoart wurdt dutsen troch in ekstra bydrage foar tinbefolke provinsjes.

De provinsje hat de plicht de regionale omrop in fergoeding te jaan oant it totaal fan 'e goedkarde kosten foar safier't dy net op oare wize dutsen wurde (kêst 107). Dat hâldt

yn dat de begrutting en rekken fan 'e regionale omrop troch de provinsje goedkard wurde moatte. Troch Provinsjale Steaten is nammers dúdlik besletten dat der gjin autonome provinsjale middels beskikber steld wurde sille foar de regionale radio en televyzje.

Omrop Fryslân radio

Sûnt 1 jannewaris 1997 is Omrop Fryslân mei radioprogramma's 80 oeren yn 'e wike yn 'e loft. It publike karakter wurdt alle dagen stâl jûn. Der is in rom oanbod fan ûnderskate programmasoarten. De sifers wize út dat it net allinne giet om programmearring rjochte op 'e fraach, mar dat in folslein en plurifoarm programma ek echt yn in ferlet foarsjocht. Regionale omrop - hielendal yn Fryslân - is 'merklieder' (Trochsneed merkoandeel 27%; trochsneed harktichtens 6,1 trochsneed deiberik 155.000 luisteraars. Boarne NOS/KLO sept./okt. 1998). In resultaat dat net op 'e maklike manier berikt is - troch allinne populêr te programmearjen - mar alhiel neffens de opdracht fan in 'public service' stasjon.

Yn ferliking mei de regionale omroppen yn oare provinsjes sit Omrop Fryslân radio yn 'e top, dy' t steefêst mei ynnommen wurdt troch de omroppen yn Grins en Drinte.

De útgongspunten foar it programmabelied binne fêstlein yn it programmastatút. De ûnôfhinklikens fan 'e redaksje is fersekere tanksij it redaksjestatút. De deistige lieding fan 'e ynhâldlike, de programmatyske likgoed as fan 'e finansjele saken is yn hannen fan 'e direkteur-haadredakteur, dy't ferantwurdling ôflizze moat oan it bestjoer fan 'e stichting. Primêr ferantwurdlik foar it radioprogramma is de programmalieder radio. Einferantwurdlik is it Algemien Bestjoer, dat foldocht oan 'e easken fan represintativiteit, dy't de Mediawet stelt. It Algemien Bestjoer kin allinne nei de tiid oardielje oer it fierde programmabelied. It beneamen fan 'e bestjoersleden wurdt dien troch ús kolleezje.

Omrop Fryslân makket diel út fan it lanlik gearwurkingsorgaan foar regionale omroppen yn Nederlân (ROOS) en wurket nau gear mei oare regionale omroppen yn Nederlân, mei de lanlike publike omrop en mei Radio Nederland Wereldomroep. Op regionale skaal wurdt geregeldwei gearwurke mei 10 lokale omroppen. Omrop Fryslân fungearret ek as korrespondint foar de lanlike publike omrop, dat it wichtichste nijs út Fryslân ek gauris in lanlike útstrieling kriget.

Omrop Fryslân televyzje

Omrop Fryslân wol ek op televyzjegebiet in publike omrop wêze: in sjoernalistyk medium mei nijs, ynformaasje, service en kultuer. Niet daliks ôfhinklik fan 'e oerheid en net allinne ôfhingjend fan ûnwisse kommersjele ynkomsten. In foarm fan publike finansiering is dêrmei in basisbetingst. Mei in ûnôfhinklike programmearring op basis fan 'e útgongspunten fan 'e Mediawet. Soks betsjut neffens de wet dat de omrop him ek echt rjochtsje moat " op de bevrediging van in it volk levende maatschappelijke,

culturele of godsdienstige dan wel geestelijke behoeften". It tafersjoch op 'e hanthavening fan 'e programmafoarskriften likegoed foar radio as televyzje - leit by it Kommissariaat foar de Media. Foar Omrop Fryslân jildt hielendal, "yn, troch en foar de regio".

Ofsjoen fan 'e lanlike televyzjetaak fia de NOS-oerienkomst binne der gjin ambysjes om bopperegionaal of sels lanlik te programmearjen. Dat seit dat der fansels wol stribbe wurdt nei in folweardige programmearring - ek kwantitatyf - mar ien en oar altyd mei de eigen regio as útgongspunt.

Eksperimintperioade

De kar foar in 100% publike opset ek foar regionale televyzje wurdt mei ynjûn troch de ûnderfinings yn Fryslân opdien ûnder it eksperimint mei regionale televyzje. Fan 1 febrewaris 1994 ôf binne der regionale útstjoering fia de stjoerder Jirnsum op 'e fiif wurkdagen en fan 1998 ôf ek op sneon. Doe is ek keazen foar in programmearring mei in publyk karakter: nijs, eftergrûnen, sport en kultuer. Net ien en al amusemint en spultsjeprogramma's, mar in serieuus en profesjoneel sjoernalistyk produkt.

In publike omrop wurket foar lytse en grutte rûnten sjoggers mar kin it him yn dizze tiid net permittearje dat it publike ferlet net mei sifers oantoand wurde kin. Yn Fryslân is dat wol dien en dat hat moai wis sines dien ta de unanime útspraak yn Provinsjale Steaten foar in provinsjale heffing op 'e omropbydrage.

It eksperimint mei Fryske regionale televyzje is ûnder oaren mooglik makke troch subsydzjes yn it ramt fan ISP en Leader (EG) - programma's. It Kommissariaat koe tastimming jaan foar in trijejierrich eksperimint nei de tasizzing fan bekostiging troch it Provinsjaal bestjoer. It programmatysk sukses fan it eksperimint is oantoand mar út 'e jierrekens 1994 en 1995 docht bliken dat de finansjele jas in maat te lyts wie. Troch it ûntbrekken fan in adekwate publike bydrage waard tefolle rekkene op finansieringsfoarmen as sponsoring, billboarding en programmapartisipaasje.

De finansjele krapte hat Omrop Fryslân twongen om oan 'e grins ta te gean fan wat binnen de Mediawet mooglik is. Yn it bringen fan nijs en de eftergrûnen dêrfan blikt it mooglik om de sjoernalistike ûnôfhinklikens te garandearjen. By de oanfoljende programmearring moasten soms fiergeande konsesjes dien wurde.

Fan 1 jannewaris 1997 ôf komt der in bettere útgongsposysje foar in folweardige oere publike regionale televyzje. Oan syn reewilligens om de provinsjale opbringst fan 'e omropbydrage te ferdûbeljen (te 'matchen') hat de steatssekretaris de betingst ferbûn, dat by de akwisysje fan lanlike reklame gearwurke wurdt mei de STER (de ferkeaporganisaasje fan reklame fan 'e lanlike publike omrop) en mei de lanlike publike omrop NOS/NPS). Dêr is yntusken oan foldien.

Krektlyk as by de radio jildt foar televyzje, dat de klam leit op 'e deistige nijsfoarsjenning. It stribjen is om alle dagen in hiele oere televyzje te meitsjen en om útwreiding te sykjen yn 'e wykeinen. De televyzje-programma's wurde ôfwiksele mei

tekst-televyzje, in nije ynformaasjeboarne op him sels.

Reklame

Omrop Fryslân radio en televyzje mei -ûnder betingsten- ek reklameboadskippen útsjoere. By it ûnderdiel televyzje binne wy al neier yngien op 'e neiere betingsten fan 'e gearwurking dy't de steatssekretaris stelt.

Omrop Fryslân hat in reklame-ôfdieling foar regionale en bopperegionale reklame. Bopperegionale advertearders wurde wûn fia Omroep Reclame Nederland, it lanlike ferkeapkantoor fan 'e regionale omroppen. De opbringsten fan 'e reklame moatte, neffens de regels fan 'e Mediawet, beskôge wurde as oanfolling op 'e finansiering en wurde brûkt foar kwaliteitsferbettering fan 'e programma's.

De reklame-ynkomsten binne de lêste jierren tanommen. Ynstee fan 26.000 spots yn 1996 binne yn 1997 al 35.000 spots op 'e radio útstjoerd. It liket derop dat dat oantal yn it ôfrûne jier stabyl bliuwt. Wy binne fan doel om mei kulturele organisaties te ûndersykjen

oft der mooglikheden binne foar in reklameblok foar kulturele aktiviteiten op radio en televyzje. Kulturele ynstellings krije nammers foar reklame-uterings in koarting fan 50%

Gearwurking binnen de publike omrop

De Steatssekretaris fan OC en W hechtet oan gearwurking tusken de - publike - lanlike, regionale en lokale omroppen. Wy fine sa'n gearwurking ek weardefol, al hawwe wy mar beheinde mooglikheden om dy fuort te sterkjen.

Yn it foarste plak kin konstataarre wurde dat Omrop Fryslân Radio royaal meiwurket oan gearwurkingsferbannen mei de lanlike omrop. It NOS-nijs wurdt oernommen en der wurdt partisipearre yn 'e Radio Nieuws Centrale, in gearwurkingsferbân fan 'e NOS, de Wrâldomrop en in oantal regionale omroppen. Dat is gjin frijbljuvende saak, Omrop Fryslân ynvestearret aktyf yn dy gearwurking.

Omrop Fryslân Televyzje fungearret as korrespondint foar it NOS-sjoernaal en de AKN-programma's (Avro, KRO en NCRV). Ek sil gearwurke wurde mei de Wrâldomrop dy't fia de satellyt gearfettings fan Nederlânske televyzjeprogramma's ferspriedt.

Regionale televyzje kin net sûnder regionale radio. Der moat sadwaande ek yntinsyf redaksjoneel gearwurke wurde. Foar televyzje moat net op 'enij in eigen systeem fan nijsgarjen opset wurde. Feitliken wurdt oanheakke by de radioredaksje om sa effisjint mooglik te wurkjen. Wol moat op in stuit yn it produksjeproses in kar makke wurde. Televyzje is gjin radio mei in plaatsje. Yn Fryslân wurkje beide bedriuwûnderdielen al nau gear. De hjoeddeistige dislokaasje foarmet in fysike grins.

De gearwurking mei it NOS-sjoernaal ferrint flot. It sjoernaal hat it earste rjocht op al it byldmateriaal fan Omrop Fryslân. Der wurdt pas oan oaren ferkocht nei

goedkarring NOS/NPS. De rjochten bliuwe altyd by Omrop Fryslân. Der wurdt redaksjoneel gearwurke: Omrop Fryslân TV fungearret as korrespondint. Kameraploegen fan 'e NOS krije yn Fryslân stipe as dat nedich is, ek fasilitêr. Regiomeiwurkers rinne staaazje yn Hilversum. De regionale omrop hat fergees tagong ta it argyf fan it sjoernaal en tastimming foar oernimmen fan útstjoerings yn it regionale programma.

Lokale omroppen

Yn Fryslân binne in stik as fjirtjin lokale omroppen warber, twa dêrfan ek mei televyzje. It ôfrûne jier is mei tsien lokale omroppen in kontrakt sletten dêr't tastimming yn jûn wurdt foar it oernimmen fan it regionale radioprogramma als ramtprogrammearring. Der binne ek ôfspraken makke oer it ynsidinteel útwikseljen fan items en oare foarmen fan redaksjonele gearwurking. De ferwachting is dat ek mei de oare lokale omroppen op dy wize gearwurke wurde sil. Foarop stiet it respekt foar elkoars taken en ferantwurdlikheden.

Mei de AFUK wurde kursussen jûn foar de lokale omroppen.

Distribúsje

Fryslân is de earste provinsje dêr't regionale televyzje ek útstjoerd wurdt fia de eter. De stjoerder Jirnsum is dêrfoar yn 1994 oanpast. De regionale frekwinsje wie al earder takend oan Omrop Fryslân. Fan septimber 1997 ôf is it sinjaal op 'enij fersterke sadat de televyzjeprogramma's yn 'e hiele provinsje te sjen binne. Dêrmei is in grut beswier fan in soad ynweners fan 'e provinsje (dy't wol betelje moasten foar de omrop, mar it net sjen koene) ferfallen.

De Omrop en de Fryske taal

Sifers út it ûndersyk Taal yn Fryslân (1995) litte sjen dat Frysktalige radio- en televyzje-útstjoerings troch in grut part fan 'e Fryske befolking folge wurde. Beneammen Omrop Fryslân radio is hieltyd mear in massamedium wurden, mar ek it navenant nije medium fan 'e regionale Fryske televyzje wurdt troch mear as de helte fan 'e befolking folge. Oer it gehiel nommen hat yn 'e perioade tusken 1980 en 1994 it Fryske taalgedrach him yn 'e foarm fan it harkjen nei en it sjen fan Frysktalige radio- en televyzjeprogramma's sterk útwreide. Foar wat de televyzje oanbelanget moat dêrby sein wurde dat de regionale Fryske televyzje-útstjoerings pas yn febrewaris 1994 mei in lyts bytsje mooglikheden en in beheind budzjet fan 'e miet gien binne.

Oant foar koart wie der allinne 31 oeren Fryske televyzje yn 't jier op it lanlike net. Dy lanlike oeren binne fêstlein yn 'e Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (1993), paragraaf 5.4. Yn paragraaf 5.4.2 is bepaald dat ek Fryske produksjes yn 'e beneaming komme kinne foar it Stimulearringsfûns Nederlânske kulturele omropproduksjes; yn

paragraaf 5.4.3 stiet dat wannear't de doelstellings net foldwaande berikt wurde, der oerlis plakfynt tusken minister en D.S. Wy bliuwe derop oanstean dat ek de regionale televyzje-omrop in berop dwaan kin op 'e lanlike fûnsen yn 'e kulturele en mediasektor. It is wol dúdlik dat der op dat mêd foar de televyzje-omrop in spesifyk probleem leit.

Yn Provinsjale Steaten hawwe alle politike partijen by ûndersskate gelegenheden it grutte belang fan Fryske televyzje foar de Fryske taal en kultuer wer ûnderstreke. De winsk is útsprutsen om ûndersyk te dwaan nei de mooglikheid om de nasjonale omropreserves oan te sprekken foar in Frysk audiovisueel produksjefûns. Dat fûns soe foar kwaliteitsferbettering fan Fryske omropproduksjes soargje moatte.

Fan 'e liberalisearring fan 'e mediawetjouwing mei as it om omtinken foar de Fryske taal en kultuer giet, ek net folle ferwachte wurde. Belangegroeparrings stoarte har op radio- en televyzjemooglikheden. In Fryske identiteit fan kommersjele, regionale en lokale stjoerders leit net foar de hân. Omrop Fryslân kiest mei klam foar it publike bestel, om sa foar kwaliteit, pluriformiteit en kulturele idintiteit yn te stean.

Yn 'e nije mei it ryk op te stellen Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer is berikt dat de omrop fan it Kommissariaat fan 'e Media tastimming kriget om bûten Fryslân radioprogramma's út te stjoeren fia de kabel. It Frysk Boun om Utens hat inisjativen nommen om 'trochjefteplicht' te berikken. Wy hawwe dy inisjativen koartlyn noch stipe mei in subsydje.

Media , edukaasje en partisipaasje

Regionale Omrop kin derta bydrage dat foarsjennings better te berikken wurde en mear effekt hawwe. De omrop kin ûnder oaren omtinken jaan oan sosjale-, kulturele- en maatskiplike aktiviteiten en ûntjouwings yn 'e provinsje. Fierder kinne edukative programma's makke wurde en útstjoerd, by foarkar yn gearwurking mei de yn Fryslân oanwêzige ynfrastruktuer.

In goed foarbyld is de 25 jier âlde Fryske skoalleradio en televyzje. Yn oparbeidzjen mei it GCO wurde programma's en begeliedend materiaal makke. Fierwei de measte basisskoallen yn Fryslân brûke de útstjoerings en bestelle it lesmateriaal. Wy binne dan ek foar útwreiding fan 'e skoalletelevyzje mei 10 oant 15 oeren en wy sille dêrfoar yn it ramt fan 'e bestjoersôfspraak ek oandacht freegjen bliuwe. Soks te mear no't bliken docht dat regionale televyzje de jongerein better berikt as de âlderein. De âlderein fielt him noch altyd mear oanlutsen ta de radio.

Gearwurking

Yn it advys fan 'e kommisje foar in nij Frysk tydskrift is opnommen dat de relaasje tusken de omrop en it nije tydskrift fan grut belang is.

Omrop Fryslân hat de beskikking oer in lûds- en filmargyf mei opnamen út 'e tiid fan 'e RONO en Radio Noord. Op fersyk ek fan omrop Fryslân oerlizze wy op it stuit mei

it Ryksargyf en it Frysk Filmargyf om nei te gean op hokker wize in optimaal tagonklik audiovisueel argyf mei goed konservearre materiaal yn Fryslân opset wurde kin. Dat is as in wichtich ûnderdiel yn it Noordelijk Cultuurconvenant opnommen.

Yn 1997 hat de provinsje middels beskikber teld foar televyzjedrama. De tarieding foar Frysk TV Drama komme no op gong. Mei de AFUK en Tryater hat Omrop Fryslân in stjoergroep oprjochte om televyzjedrama te produsearjen. Nei alle gedachten kin it earste Fryske televyzjedrama yn 1999 útstjoerd wurde. De stjoergroep besiket foarelkoar te krijen dat de produksjes mei finansiere wurde troch lanlike stjoermachtiginghâlders en it Fonds Nederlandse Culturele Omroepprodukties. Sa is berikt dat foar in rige fan seis dokumintêres út dat fûns in subsydje fan fl. 558.000 tasein is.

Koart oersjoch fan útgongspunten en foarnimmens

1. Lanlik is in mediabelied formulearre op basis fan 'e Mediawet. Dy wet jout oerheden beheinde mooglikheden om op regionaal en pleatslik nivo belied te formulearjen.
2. De wize fan organisearjen fan it programmabelied is in saak fan Omrop Fryslân. Wy sille wol dúdlik neigean oft men binnen de grinzen bliuwt fan 'e wetlike foarskriften, lykas de represintativiteit en de goedkarring fan 'e begrutting en jierrekens.
3. Troch Provinsjale Steaten is mei klam besletten dat foar it finansierjen fan 'e regionale radio en televyzje gjin strukturele provinsjale jilden beskikber steld wurde sille.
4. Wy bliuwe yn it ramt fan 'e op te stellen bestjoersôfspraak mei it ryk derop oanstean dat de omrop in berop dwaan kin op 'e lanlike fûnsen yn 'e kulturele en mediasektor. It is dúdlik dat der op dit mêd in specifyk probleem leit.
5. De útsprutsen winsk om ûndersyk te dwaan nei de mooglikheid om de nasjonale omropreserves oan te sprekken foar in Frysk audiovisueel produksjefûns wurdt troch ús stipe. Dat fûns soe foar kwaliteitsferbettering fan Fryske omroepproduksjes soargje moatte.
6. Wy steane yn it ramt fan 'e Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer útwreiding fan 'e skoalletelevyzje foar mei 10 oant 15 oeren.
7. Op fersyk fan Omrop Fryslân oerlizze wy op it stuit mei it Ryksargyf en it Frysk Filmargyf om nei te gean op hokker wize in optimaal tagonklik audiovisueel argyf mei goed konservearre materiaal yn Fryslân opset wurde kin. Ien en oar wurdt opnommen yn it Noordelijk Cultuurconvenant.

1By it opstellen fan dizze notysje is gebrûk makke fan:

Medianota 1998 –2000, Provincie Zeeland, Middelburg 1998.

Bouwstenen voor een provinsjaal omroepplan, Omrop Fryslân, Leeuwarden 1996.